



Ropping.

Dit is as in jong eir blank witten op ús ynkomen; optúgd as in wyt sei op de poarperen bigiânsge weagen, dy't út fiere séën op ús griene strannen yndriuwkljen komme, dit strykt as in blide huver oer ús siele, det wy steane yn 'e ropping ta heil en Ijocht fen ús lân en ús folk. Det wy ús sieleskatten fûntfinzen hawwe om dy yn 'e flünker fen 'e maitiidssinne skitterje to litten for ús sibben. Roppen fen God. Det wy it yn syn djippens en earnstigens fiele meije. Roppen fen God, Dy't ús it wirk to dwaen jowt yn koele moarntiidsdage en forsétsjende jounreadforskimering. Roppen fen God, Dy't yn dizze dize-onlhüyre tiden yet de inkelden by steat stelt út forskater herte to sprekken; hwaens wird yet is in roersel út 'e djipte fen 'e Friezene siele.

Mar wy drage de skat yn in ierden fet. Us foet stroffelt, ús hân trillet en ús holle is sa faken opfold mei ûnsuvere tinzen en bylden. Wy binne neat, it is inkeld ús God, Dy't ús oerein hâlde moat. Wy scoene it wol makliker forlangje, wy scoene wol mear eare ha wolle. Mar de rëst is omhegen en de eare komt de minske net ta.

It sterker stean yn it folbringen fen ús ropping scil ús lean wêze moatte. Dat is ek genôch. 't Scil ús jaen it ynkearen ta de sieledjippen, it lústerjen nei de swiere, djippe lûden fen langstme en Ijeafde, ten loksilligens en útjetting fen seine by de boarnen fen de Ivige.

It bringt ús yn 'e delten fen sielestrijd en yn 't sjongende wâld fen Ijocht en frede. Oertein mei de Evangeljeglânze fen it Krús.

Us stribjen nei in heech en fier ideael is yn 'e krêft fen de Almachtinge. Dêrom allinne hoecht ús lytsens ús net moedeleas to meitsjen. Hwent Hy, Dy't ropt, jowt ek de krêft om de ropping nei to kommen.

Mochten âl mear ús foaroanmannen de Doop fen it ideael ûndergean. Jimme, dy't ús Fryske folk foar to gean en de wei op to Ijochtsjen ha, jimme kinne ek net mei minder folstean, as, neidet jim in rek fen moeisum wrakseljen trochmakke ha, jimselme to jaen for ús djûrljeaf folk.

De Friezen moatte út 'e hichte brocht werde. Smack en tinkkréft moat úntwikkele. Langer funderwiis oan 'e bern moat hjar forrykje en fordjippe om de sieleskatten fen de rykbigaefden dy't de pearel fen 'e kinst foun hawwe, yn hjar siele-uteringen op to nimmen, en ta hjar hichten op to kliuwen.

Ho kin 't yen oangrize om de skoandere tiid, dy't faken formoezze wirdt mei it skriuwen en lêzen fen minderweardige forteltsjes, fen plat-útsleine riddenaesjes en oansangere prekerichheden. Mocht ús Frykske folk dochs mar it goede, it ljochte, it suvere lêze, om sa de wiere rykdommen better to weardearjen en him oan to eigenjen. Litte wy de ûren, dy't ús tametten binne, brûke ta it bêste en it heechste.

Jimme dy't ta ús folts sprekke yn rede en foardracht, ek for jim is deroppen it bistribjen fen it ideael; sjuch folslein to worden, lyk as jim Heit yn 'e himelen folslein is. Dêrom, tink tear, tink djip, sjuch suver, sjuch skerp, wirkje wis en rigelmiettich, lit jim bisielje fen 'e Geast, dy't it minskelibben yn heger ljocht set, yn it ljocht dat yn it ivige Wird for ús skynt. Lit yn jimme wirk trilje de bloedwaermens fen it lichem, dy't yn 'e hertslach jim' ieren skolpert. Yn flinterflodder en fûgeflecht, yn needrich krûd en rûzjend wâld scille jimme den sjen en fiele de hearlikheit fen de Alwize.

Den scil de sâltleazens wykje. Den scille der for ús folk better dagen komme as de foargongers de banier heger hâlde. En is jim mêt swier, bid yn jim wirkjen, mei jim wirkjen in bea wêze. Nei omhegens it fakentiden sa steksjuggerige each. Nei Gods blauwe loft, nei Syn sulveren stjerren, nei de himeltroan. Dêrsannewei moat al ús forstean komme.

Sa scille wy winst dwaen mei de talinten ús tabitroud. Ek dit jier. Us tiid freget dieden. Us tiid ropt om de sniewite bloesem, mar ek om de readwangige frucht. Lit ús dêrta ússels opofferje det de frucht wêze mei it neikommen fen de, fen Godsels ús opleine ropping.

Nijewier.

A. M. WYBENGA.

nei de keamer ta. Hja wier bang det se 't oars forjitte scoe, en herhelle dêrom iderkear: „Japje yn sitten.”

„Hwet is der oan, myn lytse famke?” freget mem, dy't krekt de keamersflier opdweilet.

„Japje yn sitten, mem; Japje hielendal sm'aach!” seit Hanne.

„Hwet seiste, hat Japik der yn sitten?” Mem lit de dweil lizze en rint hird nei efteren.

Hanne trippelt sa hird as hjar lytse foetsjes hjar drage kinne, hjar efternei. „Japje stout, Japje sm'a ch, Japje is net pop fen mem!”

Hwet seach mem raer op, do't se Japik dêr sa stean seach. „Hast der yn sitten?” Dy frage hoechde oars net dien to wirden, it wier klear to sjen.

„Ja mém,” sei Japik. It skriemen stie him neijer as it laitsjen.

Frou Reitsma wier earst fen plan om him tige it leksum op te lêzen, mar do't se him dêr sa stean seach, bibberjend en ūngedien, kaem it meilijen wer by hjar boppe. „Bliuw hjir mar efkes stean, ik kom daliks wer. Ik scil efkes skjinne klean helje.” Dêrmei sette se it hûs wer yn.

Efkies letter kaem se werom. „Dogg' hjir earst dyn boppeklean mar út, dy smoarge bringst kin ik net yn 'e hûs hawwe. Ast' dy út haste, moast mar yn 'e koken komme, dêr haw 'k de skjinne klean al dellein. Meitsje mar hwet oan; dû koest wol in siikte skypje yn dat kâlde wetter!”

(Wirdt foartset).

ANNE fen JELTSJE.

Frysk.

o

Der wirdt jinwirdich wol gauris krimmenearre: „Dat is gjin Frysk.” Léstendeis kaem it dêr ek ris oer to praet en as in munster fen „Gjin Frysk” waerd „Frisia” neamd. Alderearst de lange sinnen dy't men der bytiden yn kriget to lêzen, dat wier sa ûnfrysk as 't mar kin, hwent, waerd der sein: „Wy Friezen binne goed op 'e koarte baen, mar op 'e lange moatte wy bilies jaen. En den is 't hopen tiden sok dreech spil, dat as min op 'e ein fen 'e sin is, den moet men wer fen foaren oan bigjinne, oars bigrypt men der neat fen. It giet dêr faek by de jelne.” „Nou,” sei in oarenien, „dy langte dat

kin yette hinnebruije, mar der steane wol ris einen fen sa'n foech 40 rigels yn „Frisia”, allegearre like lang, en den hoecht men net by de jelne to rekkenjen, mar by 't pounsmiet”. „En den al dy frjemde wirden,” waerd der sein, „hokfor sluchtwei minske kin dy by inoar stammerje en hwet it bitsjut bifettet men likemin.”

It hoecht yen 'ek neat gjin nij to dwaen det de minsken soks net lêze wolle, ja in hopen tiden ek net lêze kinne. Soks is for Ijue, dy't in bytsje mear leard hawwe.

Lykwols moat men ek net tinke, dat de minsken oar Frysk, dat de nijsneamde lekken en brekken net hat, sa graech lêze. Hwent as men „Yn ús eigen tael”, „Fryslân”, „It Heitelân” ef „Sljucht en Rjucht” der ris nimt, hwet wirde dy ek in bytsje lêzen en hwer scoe dat fen komme?

Alderearst fen 'e stavering. Dy is de measte fiersento slim; men moat der yen al danich op útlizze as 't der in bytsje op lykje scil en it lêzen is ek net sa botte maklik, hwent de Ijue binne der faken mei lâns, ho't se in wird útsprekken moatte. It Hollânsk *gebleven* is yn 't Frysk „bleaun; it Hollânske „gloeiend” is yn 't Frysk „gleon”. Hwet de útspraek oanbilanget kinne dy wirden op inoar rime en hwêrom moatte se den ūngelikens skreaun werde, sizze de minsken. It scil him wol oan 'e komôf fen 'e wirden lizze, mar hwet kin de measte dat skele. Scoe der net ris hwet op to finen wêze, det it hwet makliker waerd?

En net allinne det de stavering slim is, mar de iene skriuwt de wirden hiel oars as de oare. It kin wêze, dat de skriuwers elts for himsels bigjinne to „Kollewijnjen”, mar dat rint ek op 'e nûn. Den is 't fierwei de baes om de hjoeddeiske stavering to hâlden mar dy den ek yn alle ūnderdielen ta to passen, en net, lyk as nou wol bart, to skriuwen, „ik wier, ik wie = ik was. Dit is mar in priuwke út 'e protte oaren.

Nou is der *ien* stavering (sa't it hijt alteast), mar yn 'e ûnderskate kontreijen fen Fryslân wirdt it Frysk ūngelikens útspritsen. As wy skriuwe, „heit ef mei” den seit men yn 'e Wâlden: *hijt en mij*, op oare plakken *hait en mai*. Hwa docht it nou forkeard, de Wâldman, ef de Klaiker? Ik siz, gjinien fen beiden, it is beide goed.

Yn 't koart forslach fen de karmasters oer it fijerde priissjongan op Woansdei 20 Augustus 1919 (sjuch „Yn ús eigen tael”, jiergong XI 1919, side 172—179) komt dy útspraek ek op 't aljemint. Op

side 178 stiet dêr oer „Hallelujah” fen Zwaagwesteinde: „De eiklanken wierne tiersto skerp: *mei eare waerd hirre mij eare; heitenoed waerd hijtenoed.* Efkes fierder oer „Excelsior” fen Hynlijippen: „alhowol for heitenoed, hijtenoed.... songen waerd.”

Dos de karmasters sizze, det men *hajtenoed* en *mai* sizze moat, nou scille wy oannimme det hja it by de rjuchte ein hawwe, den moatte se foartiid ek oan 'e sjongselskippen to witten dien hawwe, det de Wâldtsjers hjar útspraak gjin Fryske is, altest net doocht, mar den hiene se ek likegoed yn 't adfortinsje sette kunnen: „Wâldtsjers en Hynlijppers hoege net to kommen fenwegen hjarren útspraak,” en dat is net bard, leau 'k.

As dos ús Selskip perfoast de Klaei-útspraak hawwe wol, goed, mar den hearre de Wâldtsjers ek to witten det se tonei thûsbliuwe kinne, hwent der is gjin forstandich minske, dy't fen 'e Wâldtsjers en Hynlijppers fergje kin, det se hjarren sà forbrekke moatte. 't Scoe in ûnmooglikheit wêze.

Der is yette mear dat de minsken jin 't sin is as hja Fryske lêze en dat binne de *hollandismen*. Dêr tilt de Fryske literatuer suver fen op en dat docht yen ek neat gjin nij. Wy sitte sà yn it Hollânsk bitiisd, det men der wol ris mei lâns is eft it iene ef 't oare Fryske ef Hollânsk is. En dêr hawwe *alle* tiidskriften mei to krijen, it iene mear, it oare minder.

Det der Hollânske worden yn 't Fryske opnomd wurde, dat 's neat net slim, ja, it scoe tige spitsch wêze, det ús tael him net riker makke mei útlânske worden, den wier er ringen dea. Der is gjinien libbene tael dy't dat net dien hat en yette net docht en se binne der net minder fen worden.

Mar hwet de ljue it measte wearzget, binne net dy Hollânske worden, mar de Hollânske sinnen en útdrukkingen. In hopen tiden kin men klear sjen, hwet der yn 't Hollânsk stien hat ef hwet de skriuwer der delsetten hie as er Hollânsk skriuwe moatten hie.

Bynammen yn adfortinsjes docht soks blikken. In jier trije, fjouwer forlyn stie der yn 'e Ljouwerter krante in Fryske dea-adfortinsje fen ien út Hollân, mei in Fryske namme. Dy hjar (ef syn) lêste bigearte wier, om earne yn Fryslân to hôf brocht to worden. Dit lêste stie der likenôch yn sa't nou folget: „en hja wirdt *nei winsk* to hôf brocht yn... (it wier in plakje by Ljouwert om). As men it nou op 't wird ôf opnimit, den kaem de forstoarne tige nei 't sin dêr to lizzen,

b.g. op 't Suden. As der nou stien hie „*neffens hjar lêste bigearte* ef soks sahwet, den hie der neat to rêdden west. Nou lykwols moeide 't yen, det yn de dea-adfortinsje sa'n bispotlike útdrukking stie, it bêste middel om ús sprake yn duskredy to bringen.

It wier, tocht my, in skoan ding, as ien fen 'e Fryske blêdden in plakje rom hâldde, dêr't sokke dingen ris laitsjende wei sein waarden, sùnder de skriuwer persoanlik oan to fallen. Der scille licht gûds wêze, dy't der net oer kinne to'n earsten, mar de measteen scille bliid wêze, det hja op hjar flaters wiisd werde, omdat it giet om ús keine Fryske sprake.

WÄLDMAN.

NEISKRIFT. Hie men it Fryske mar op 'e skoalle! Den waerden de minsken oer stavering en styl wol hwet ynljochte en wier 't mei in bulte krimmenaesjes dien. Den scoene hja it meistimme moatte det de komôf fen 'e werden fakentiden to bislissen hat oer 'e stavering. It moat der jong yn en den scil der ek mear niget oan 't Fryske lêzen komme.

Ek scille hjar den leare det der ûnderskie is twisken ei en ij en sei by 't lêzen fen 't Fryske, (en dos ek by 't sjongen) hji rekken mei hâlden werde. De Karmaster op 't Priissjongan moast dat ek, mar teffens tocht er der om út hokker oarde fen Fryslân de sjongers kamen. Wy forwachtsje takomm' jier de Wâldtsjers âl wer. De Klaikers meitsje fenwegens hjar dialekt ek wolris in flater. Dat stiet der tsjin oer.

Wy scoene allegear graech wolle det de *Wäldman* mear jowt op Fryske taelgebiet.

A. M. WYBENGA.

Us lytse boi.

Dou ljeave, lytse jonge,
Us alderjongste sprút,
Hwet bist in aerlich mantje,
Sa'n heldre, lytse snút.
Dyn glundre brune kipers
Sjugg' blier de wrâld al yn;

Dyn lytse, kyb'ge earkes
 Sa moai bisnien, sa fyn,
 Hast fêst dyn mem ûntstellen
 Dou lytse dogeneat!
 Dyn mûtle, roune wangkjes
 Binn' àl sa fris en read,
 It lytse mûltsje tsjottert
 Glêd oan ién sike wei;
 Dat rattelt en dat teutelt
 Sa'n gânske lange dei;
 Hy pandert troch de keamer
 Fen de iene ein nei de oar;
 Hy lit it mar net sitte,
 Dêr it 't in jonge for.

Niis stie ik by syn bedtsje;
 Boai laei mei de eachjes ticht,
 It fûstsje op 'e tekken
 In glimke op 't lyts gesicht.
 Hwet scoe 'k nou heite skatte
 Dochs graech in patsje jaen!
 Mar mem wol 't fêst net lije;
 Nou, den dat strak mar dwaen.

Dou ynljeaf Benjamintsj
 Dyn heit en mem sa djûr
 Scilst' for dyn âlders libje
 En for dyn Heilân stribje
 Mei 'n hillich ljeafdefjûr?

De Knipe.

J. HIEMENGA.

Ta 't hillige.

1. By 't gearkommen.

Greate God en Skepper fen de úteinen fen 'e ierde, Jy binne it ek dy't de folken skepen en it plak om to wenjen oanwiisd hawwe, en hjar it aerd yn hjar boarst jown en hjar tael yn 'e siele. Dêrom

doarre wy ek ta Jo komme by it bigjin fen ús forgearringe. Wy wolle ús tael stelle yn tsjinst fen Jo, Hwa't alle naesjes en talen en tongen tsjinje moatte.

Jy hawwe yn dit lege lân ús dêr wente taskikt, en wy hawwe Jo dêrfor to tankjen, hwent wy mijje hjir noch ryklik sêdde wirde. Jy jowe ús fineindich mear as wy fortsjinnen.

Jy wierne it, Dy't de folken út-inoar struiden, mar Jy wolle ek noch yn Jins straffe Jins segen jaen, en yn it forskaet fen folk Jins mannichfâldige greatens en skientme útkomme litte.

Jow ús det wy ús herte for Jo iepenje lyk de finneblom yn 'e mienden it gouden hertsje for de maitiidsazem ûntslút, lyk de ljurk yn 'e lotten Jins Namme lovet.

Gol is Jins myldens det Jy noch mei ús to dwaen ha wolle en ús bikend meitsje mei ús plichten om aerd en tael ta 't hillige op to heevjen. Jow ús dêrta det wy mei gansker siele ús yn Jins tsjinst bijowe. Den scil ús aerd suverder útkomme en ús tonge en tael scil Jo bilide.

Wêz ús dizze joun nei mei Jins segen, det wy yn ús mei-inoar oparbeitzen ta ien doel mankoar forsteane en drage mijje. Det wy ek it mienskiplike oankweekje en foartsterkje mijje en elk nei de gave en kréft dy't Jy ús jown hawwe biforderlik wêze mei ta it heech-halden fen Jins Godlike gave dy't Jy yn ús tael ús joegen. Wol ús dêrta yn Jezus oansjen. Amen.

2. Bilidenis.

Ho moatte wy forslein en forbûke wêze, o hege God en Skepper ten alle folken, as wy sjugge op ússels en op ús foarfaers. Wy binne út it rjuchte spoar gien en hawwe net oan ús bistimming biandere. Jy hawwe ús skepen as in folk mei eigen aerd en wêzen en wy hawwe ús aerd forachte en ús wêzen forsloffe en ús sels weismiten. Wy mienden det hwet Jy ús jown hiene net goedernôch wier om fen ús brûkt to werden.

Wy hawwe ús skeind mei partijsucht en frjemdsin, mei deilisskip en eigenbaet. De deugden dy't Jy oan ús folk jown hawwe, ha wy omset ta úndeugd en ús misfouten hawwe wy tsjin elkoar útspile. Sa moasten Jy ús straffe mei ús eigen kwea en moasten Jy it swird dat wysels slipe hiene ús yn 'e siele stekke. Om't wy ússelme meismieten ha Jy ús ek forwirpen en hawwe Jy ús oerjown yn 'e hân

Ien ús haters, det ús fijannen oer ús hearskje scoene. Wy patsje de bannen dy't ús omknotsje en wy júchje om ús eigen ûndergong. Ho scoene Jy noch mei ús to dwaen ha kinne?

En as wy ús tael opheevje den is 't net ta it Hillige, mar ta de wrâld en syn idelens, den jowe wy ús oer oan wiffens en luftigens, en wy bismodzje Jins ealste skatten mei gemienens en ûnhurens. En de waermens fen ús folk dêr't Jy sa'n djip religieus forsteane yn biskepen hawwe wije hja oan hjarselme, oan de Minske; hja tsjinje net de Christus, mar hja offerje hjarselme oan de Anti-christ en hjar tins en hjar dream is de hearlikheit bûten Jo.

Det it ús ta sûnde wêze mei! Det wy wearzje meije fen ús ûnreinens en selsbidjer. Det wy ús oant de groun delbügje meije yn skamte om ús ûnhurens, djip yn 't bisef fen de sûnde fen ús folk dy't ús ta mienskiplike skild wêze moat.

En as wy ta Jo komme, doarre wy net komme mei ús siele-útring, mar yn útlânske lûden stammeren wy útholde warden.

O Heare, lit ús mear útsjen nei Jins lotterjen. Lit Jins straffen oer ús gean, det wy suvere wirde meije. Lit Jins siedwine it tsjef weiwyndrje, wol Jins terskflier trochsuverje. Lit ús eagen gûle en ús siele rydboskje. For Jo en Jins rjucht. Om ús hún en forsmiten.

En as Jins lotterjende wyn oer ús fjilden waeid hat en Jins tongerjende lûden oer ús kritén útknettere binne, wol Jo den noch wer oer ús ûntfermje en ús út 'e delten weihelje. Det ús siele yn kommende tiden noch bianderje mei oan it for ús folk stelde doel. Ta eare fen Jo, de Skepper. Amen.

3. By 't sluten.

Wy moatte Jo tankje, o God, det Jy mei ús west binne, en ús by ús forgearjen stipe diene. Dat is Jins trouwe en Jins goede ginst. It koe net op ússels wêze. Us dwaen wier lyts en ús each koartsich-tich. Wy binne nea de rjuchte bern fen ús heimich lân. En dochs ha Jy ús bystien. Mochten wy yn ús wirk en ús bisprek ús wer uterje yn 'e eale klangen fen âld-heitlâns tael. Det it ús noch ta blidens wêze mei det Jy ús lân en ús folk noch biwarre hawwe oant de dei fen hjoed en det noch Jins myldens oer ús hollen skynt.

Wy tankje Jo ek det Jy it ús, sa't wy hjar mei elkoar wierne noch yn it herte jown hawwe om op to kommen for eigen tael en eigen wêzen. Det wy de gloede for ús lân en sân ek fiederop bringe

mochten yn 't formids fen ús broerren en sisters. Wol mei Jins mylde hân ús derta bikerëttigje.

Wol ús bystean yn ús striid, en lear ús ek mear forsteane om dy striid te fierien ta care fen Jins greate Namme. Den scil der noch heil wêze for ússels en ús fakentiden fier ôfdwalend folk. Wol ús altyd oansjen by bea en tank yn Jezus Christus ús Heare en Heilân. Amen.

A. M. WYBENGA.

It skeinde.

It wierne dy hearlike sangen út 'e skoalletiid, dy't altyd sa'n fet op hjar siele hiene. As de joudauwe twisken de esken-mantel sveve en hja stie nei de goudene stjirren to sjen, den song yn hjar it ienfâldich-djippe:

Weet gij hoeveel sterren kleven

Aan den blauwen hemelboog? — —

En hjar siele joech him wiid út op 'e wjuk fen 'e wieldrige sang. Hjar herte sveve op nei boppen, nei God yn 'e himel, dêr't hja fen wiste det Hy ek hjar Heit yn Jezus wêze woe. Dat wier hjar skient-mewille en himellangstme.

Dat wier fen bern ôf oan al sa west. It koe hjar sa moeije as hja hjar natûr bod jown hie, det oer hjar siele wolkens loeken as fen in reinige hjerstjown. Dêr pakte hja den mei om, en op hjar bedtsje, yn 'e nachtstiltme, koe hja sa skriemend-djip hjar sûnden bilide. Dat wier yn 'e tiid do't hja bern wier, en sa bernlik ta hjar Heit komme koe, en sa ynlik de segenjende hân fen Jezus, hjar Heilân, oer hjar wier. — — —

Hja mei hjar suvere, djip-folle stim waerd op 'e Sangforiening ien fen de bêsten. Binammen de fieling dy't hja yn 't fers fortolke, en hjar gefoel for suverens dych it, det hja dê solo-sangeresse fen de foriening waerd. Dat wier hjar wille, mar dimmen en bidest joech hjar herte God de eare, om't Hy it wier Dy't hjar dy hege harmonij-tieling ynskepen hie. Den, as de Ijochte moanne blier glimkjend it each oer de stjirren hie en fyn-wazich skynsel oer it lústrjend blêdtjegûd twinkle, wier hjar siele Ijocht fen tank en riizjende lof om it greate Lok det de Himelheit yn hjar ynlike oandwaning opbloeije

Ijet. Dat wier de segen fen it liet en sa tearde de roas iepen nei it ivige Ljocht ta.

Do't hja dy joune útfierung fen 'e Sangforiening hienen, wier de Greate Tsjerke alhielendal biset. Hearlik fallen de lûden fen 'e ljeaflike lieten de romten fen it gebou en de minsken wierne oandien fen wille. Yn hjar herten trillen de ynlikste snaren, poend troch de finngers fen 't priizgjende liet.

En do't hja allinne song, nou stille, heimige wirden, dèn lûd kweeljend gejubel, — hok in weach fen weelde dreau troch de bôgen, en hwet stoarren aller skittereagen nei de iene, de ingeleftich blomkjende, de hillich sjongende, dy't yn styl en foardracht hjar siel yn 't liet joech.

Do wist Eva det hja moai wier. Do fielde hja dat hja mei hjar sang de herten oermastere. Swiete trilling fen in fornoege herte.

Slangeslerkjend wier it yn hjar opkrûpt. Hja hie 't sjoen, ho't hja hjar biwûnderen, hja wist hjarselme yn hjar ljochte kledaezje en yn hjar suvere mei it liet lyk wêzende hâlding for it publyk in bitsjoenende forskining, hja fielde det fallen hjar oandacht spanden, likefolle ef mear op de sangeresse den op it liet. En hja hie dat oannomd, bidwelme fen lok.

Great, hearskeresse, preesteresse! Om hjar liet en hjar lûd en hjar ljochtens knibbelen de minsken for hjar del. Hja mocht nimme de lof hjar biwiizge mei hantsjeklap, mei tankwird, en fûstkjen fen forskate goekunders. Hwent nimt men net hwet yen takomt?

Ljocht en fol stille majesteit sparkelen de stijrren yn it hege forwulft. Fol oandienens biwûndere Eva dy hillige stijrren, do't hja al lang thûs wier. Hja koe dochs net slipe, ynlik fen forhûgjen triljend wânnelle hja de âld leane forskate kearen op en del. „Sa'n stijrre wier hja”, hie Rimmeren hjar yn 't nei hûs bringen taflûstere. „Mâlle jonge”, hie hja sein, „den wol ik for dy dochs net skine.” „Dat haste jouns dochs dien.” „For allegearre den, dêr kaem dy mar in seishûndertste part fen ta.” En dat hie hja ek in bytsje miend. Nou hie hja bigrepen hwerom hja altyd safolle fen de wijng fen it liet hold, — hja mocht dêr mei skitterje. Mids de mannichte, dy't búigje moast.

Sûnt dy tiid joech hja hjar al mear oer oan de hearlikens fen it liet, en al kinstryker en fielingfoller wierne de sangen dy't hja út-

kweelde. Opgean yn 'e kinst, om to sjongen de djipten fen it leed, de ljochtens fen de ljeafde, de swidens fen de himelskientme, dât wier it dat hjar libben ryker en blider meitsje scoe.

En dochs.... by al it hearlike wier it ynlike djipte bilibjen fen it suvere liet net mear hjarres. Bislein en biwazeme wier it kristal fen hjar siele. Der wier for hjarselme net mear dat fornoege oerjaen oan de wierheit fen 'e wirden, dy't sprekke det God allinne de eare takomt, fen it ljocht en de forsoening fen ús sünden yn Jezus Christus, en de treast fen it ynwenjen fen de Hillige Geast; it wier net mear dat suchtsjen yn nacht en near, yn sûnde en ilinde, dy jubel oer de forlossing, dy toan fen tankbrens, al woe hja for hjarselme net wêze det dy worden yn hjar bitsjutting for hjar dizenich oertein wierne. En as hja den de harkers triljen dych fen sieleleed ef ljeafde-jubel, bleau it for hjar sels mear in rôle dy't men spilet, den in herte-triljen. Waerd hja om hjar liet net eare? Binne worden gjin klanken om brûkt en — weigoaid to worden? Moat men net tinke om yensels as men wit det mensels hwet greats is?

Do lies heit op in moarntiid dat djipt-yngeande forhael út it âlde boek oer de fal fen 'e minsk.

Dû scilst as God wêze!

Hja seach krekt skean it finster út, nei it miggegûd dat foar de hagebeam oer dounse, do't it hommels sa djipt yn hjar delfoel: as God wêze, peilje it goed en it kwea, hearskje oer de mannichte dy't búiget foar hwet skittert, hwet ynnimt, hwet oerweldigt! Sa hie sy it ek bistribbe, en hwet hie se bilibbe? Hie hja de rêt foun en frede yn hjar selstsjinst? Och hja wist it mar fierstentogoed det it kristal bislein en skeind wier. Mar moat men net as men it iene ljocht forlit yen útrekke nei it oare, dat men achtet better to wêzen? Untnochterjende werkelikheit: it hie in damp west, rikkerich en walmich, hjitbleakerjend de sielespegel tobarstende. Hja hie gjin Mozes west, dy't de forsmading fen Christus greater rykdom achte as de skatten fen Egypte. De tsjoen fen eigen skittering mids de bijubeljende mannichte hie hjar oermastere.

It sjongen dy joune yn 'e stêd wier in greate mislarring. Net de sluchtwei minsken, dy't optein wierne by it sjen fen de mei rom oerditsen sangeres mirken dat sa op, mar de ljeue fen 't fak skodholten faker as ienris en twaris. De siele miste út 'e sang. En de misgin-

ders gysgobben. Moai sa, dat ljocht fortsjustert. Lit hja hjar namme mar ris skeine mei minderweardich sjongen. Al to folle striek hja oaren de eagen út. — — —

Lange tiden hie hja it der mei to dwaen. Al mar wâlle it yn hjar op: Skeind, skeind haste de hearlike jefte Gods, dy jown ta Syn eare, troch dy brûkt for dysels! Djip en dûnker wier de delte dêr't se dei en dagen gong.

Mar de Heit yn 'e himel tinct om Syn skiepkes, ek as hja út it lân brekke en ite fen 'e forbeane fruchten. Hy hellet hjar wer oan, en liedt se nei in sté, dêr't se sôls fen miene det it skrok en stikelich is, mar dêr't fen blykt, letter, det se wer weidzje ûnder ivichfeilige hoede. Al meije hja den sutrich lykje, hja scille dije en oer hjar hollen is it feilige ljocht. — — —

Hja hat it sjongen for it publyk oerjown. Mar faken joech hja hjar letter op rêt-amjende Sneintojounen oer aan de wijng fen it liet yn eigen bisletten rountsje, en den wier it net om sels dêr mei út to kommen, mar om hearlik to bisjongan de Ileafde fen God, Dy't yn 'e Heilân Jezus Christus, de ôfdwaelden opsiket.

FETSE GREIDEMA.

Ofskie.

Hja wist det hja kreas wier.

Read wier hjar wang en trinten hjar gong, en út hjar eagen koe ljochtsje de leidige laits, dy't de tsjoen gean liet oer him dy't hja ljeave. Hwent hja hold fen Tsjerk, dy kante jonge, stevich opwoechsen, krollich hier en grote iepene eagen. Hwet koed er it ek altiten bryk bitinke, as er by it jongfolk wier.

Hja hold fen Tsjerk al fier foartiid as er hjar frege hie, en hja hjar simstiden wolris fen Rinse thûsbringe liet.

't Wier prachtich dy jountiid. Hja wieren mei hja allen by Grieten-dy op 'e thé en alderhande kluftbaerlike útsetters wieren hjarren west. Hwet hiene hja taset, krekt eft hja noch bern wieren. Och, hja wieren ek noch bern, loftige sieltsjes, sùnder soargen. Riedsels opjaen, fleurige ferskes sjonge, elkoarren pleagje mei de feint, de tiid wier sà mar omflein.

Do't hja hjarren efkes fortrapen, in slachje om 't blok — it wier in ynstile hjerstjoune en de-sinne wier read en poarper ûndergjen yn de fiere danneweagen dy't silverich oandriuwen kamen — do moast it jongfolk wol op 'e rook ôfkomme.

Do't hja wer by honk kamen hie Tsjerk dêr sitten mei de fioele. Hwent o, hy koe sa moai spylje, prachtich, en den moast men sjonge, sjonge dy heimige, djippe lieten, dy't yen fier oer it bigryp gyngen en dochs sa ynlik yen oandienien.

Hy hie op it bankje sitten, en hja hiene om him hinne sitten en hongen, de feinten deun oan him, de fammen in bytsje skruuten hwet fierderôf, de holle sa'n bytsje oerside, de eagen wûnder glângjend, op 't fochtige ôf. Der hie siel west yn 'e sang, al hie Tsjerk letter sein, dat lang alles net mei de easken fen 'e kinst oerienstimd hie. It wier ek sa oandwaenlik.

Sjuch, Tsjerk wier in jonge, bitûft en laitsjend, fol grappen en streken, mar as er spile en song wier 't krekt eft in oare geast yn him biwâld hie. Den wier 't earnst, djippe earnst en it scoe him mei in hiftich wyske nea sa goed ôfgean as mei de djipfielde fersen fen sieltrilling. Noch seach hja him dêr sitten. Lyk as de fynweevjende neisimmerglâns oer syn krollers weau. As in lieteman op in printsje.

Do't hja meielkoar binnendoar wieren, wier Tsjerk wer de loftige, de tûke, de altiten fen him ôfslaende, sùnder immen sear to dwaen. Hwent hy moast hwet ha to laitsjen en it wier him nocht as er laitsjende gesichten om hinne hie.

Dy joune hiene hja alle seis elk in feint. Dirkje en Seaske en Geeske hiene foartiid al in bytsje hâld, en mei de oare trije wier 't ek losroun.

„Nou moat ik dy joun mar thûsbring”; de moanne hie glimke en der wier in sêfte rop fen in fiere fûgel west. Hja hie net in wegerjend biskie jown, hwent hja woe ommers wol, en hwerom scoe hja den ek earst tsjinakselje?

„'t Liket my skoan ta,” hie hja smout glimkjend sein, „'k leau dochs net detstu der forstân fen haste om mei in faem om to gean.”

„'t Scil dy neat ôffalle en oars moast my mar op streek helpe.”

Hwet hie dat in moaije kuijer west. Sa'n hiel set oanien; dêr hiene hja efkes stien, dêr by 't hikje, dêr't de wyljen-stobbe stie en fen dy skeane útrinsels út 'e wâl opkamen. Do efkes hiene hja yn 't ljochtmoanne-waer by elkoar sitten, sa deun, sa ynlik.

Sa wier it oanrekke. En mids it jongfolk hiene hja blide dagen trochbrocht.

Tsjerk wier optein oer syn faem. Hwent as in stevige gerniersdochter koe hja hjar rēdde. 't Scoe der stadichoan wol op tagean det hja syn wiif waerd. Den scoene de kenyntsjedagen wol út wêze, mar dēr scoe hwet stil-lokkigers foar yn 't plak komme. Syn heit wier in lyts boerke, dy scoe hjar wol hwet yn 't spil sette. Blide simmer by in helder fleurich wiifke.

En dochs der wier eat, hy wist sels net hwette, dat him wjerhold om Ifjar it „foar altyd“ to freegjen. Sjuch hy moast pleagje en laitsje, wille ha en oangean, mar der libbe yn him ek yet hwet djippers, dat boppe kaem as er him yn syn muzyk oefene. Dy krēft fen it heimich stimmende liet koe syn siele sa oermasterje. En Minke hold der ek fen, wis wol, de lûden wieren klank-trijlend yn hjar herte, mar dēr wier 't den ek mei sein. Wylst it for him it djippe roppen om ynlike rēst, om sielefrede wier, dy't him by alle ierdske lok it heechste wêze scoe. Hy scoe bytiden dat Ijeavjend lok wol opheevje wolle ta hilliger sfearen, om reinige fen ierdske bymingsels dēr syn God mei to tsjinjen.

Mar dat wier mar by nou en by den. Hy wist sels net eft it mar sokke ynfallen wieren ef dat hja mei it djipste fen syn wêzen gearfrissele wieren. — —

Do wier de winter kommen, en oer de iisbanen swaeiden de jeuchlike pearen. Mar binammen as hja fen 'e stêd toreichkamen en meielkoar op 'e âldfeart yet baentsjereden wier de wille útlitten. It wier dēr tsjin 't âlde doarp aan sa'n geskikt eintsje brede baen by de wei lâns, dēr't de iperen beammen sa steatlik-stil yn 'e jounigens to lústerjen stiene. Op 'e dei wier 't mei in hopen wakker op in jeijen gien mar hjur wier 't eft de frede fen de jounstiltme ek de rēdste strekers ta bidarjen brocht hie. De earmen krûslings rieden *hy* en *hja* stadich njonken elkoar de baen del. En op 'e ein stie it tropke jongfolk by de opslach, en heech en ljocht wier de skatter fen de jongfammen by Minke hjar snedige setten, dēr't se sels de bitûftste jongbazen mei yn 'e maling to nimmen wiste.

„Wy moasten hjur mar ris ophelje“ bigoun Minke wer op in stuit, do't de grappen efkes lins hiene, „kom ik scil wol ynsette,“ en dērmei bigoan it. 't Gyng Tsjerk einlings to mâl, en do't it earste ferske út wier brocht er dēr tsjin yn: „Wy moatte hjur net al to folle spek-

taket ophelje, 't is flak by 't doarp en yn 't earste hûske wennet âlde Douwe, dy't foarfest soks net útstean kin“.

It lêste folget.

Boeketafel.

B. J. Meijer, *Een en ander in verband met het Oera Linda Bok*, Bandeng 1918.

Yn ien fen de Kanselarij-sealen to Ljouwert stiet in kastfol literatuer oer it Oera Linda Bok, en jimmerwei komt dēr mear by. Yn spyt fen alle tsjinspraak binne der altiten yette minsken, dy't de âldheid fen „it boek fen Adela“ folhâlde. Ek de hear Meijer, dy't jierrenlang stûdzje makke hat fen dr. Ottema syn publikaesje. Hy wol net witte fen in mystikaesje, mar siker út it letterskrift fen it O. L. B. de echtheid to biwizen. Hy makket dêrta in tankber gebrûk fen theosofyske wirken. „Ik bring“ — sa is it einblût fen syn stûdzje — hilde oan 'e neitins fen Mefrou Blavatsky; sùnder hjar arbeid scoe mines unmooglik wêst ha.“ — Hy sjucht yn it alfabet fen it O. L. B. in geheimskrift mei allegoryske bitsutting, dy't de Indiërs dēr op nei hâlden. Nei myn bitinken scil hy net folle winne mei syn pleit. It is dilettantewirk. De biswieren, dy't ynbrocht werde tsjin de echtheid, bliuwe bisteau. De stûdzje fen de hear Meijer is fen bilang for de kennis fen de tiidgeast, dy't it âlde Evangeelje foarby rint en heil siker by it Büdhisme.

G. A. W.

Fr. Okkinga, *De Jongfriesche beweging*, met een Woord vooraf van D. Kalma, Baarn, Hollandia-Drukkerij 1922. Priis.....

Ds. Huijsmans hat alris útspritsen, dat de propáganda for it Frysk ek nedich yn 't Leechlânsk fierd wirde moast. Dit boekje stiet op 'e groun fen dizze idé.

Mar ek for ús Christenfriezen kin dit boekje fortuten dwaen. Eltsenien dy't net rjucht mei de Mienskip op 'e hichte is, kin hjur yn in koart bistek it „Jongfryske“ stribjen biskreaun fine. Mei in feardege pinne biskriuwit Okkinga it birin fen 'e Biweging. Hy docht dat as Kalmajaen, en dat scil yen by de lêzing fen 't boekje wol foar 't forstân stean.

Fensels, wittenskiplike objektiviteit mist út it boekje lyk as út 'e hiele Mienskiplike beweging. Dochs komme der warden yn foar, dy't der op wize dat dat yetris in kear komme kin. Tajown wirdt dat J. J. Hof te bot oanfallen is, en dat it mei de „Jongfryske“ literatuer yet

net yn 'e es is. Siker, dat lêste is aan Kalma syn „Swiere winst”, in fûmmfûchlik romantysk-realystysk forhael, skoan to merkbiten.

Mar heger as de literaire produksje, seit de skriuwer, stiet de geastlike bifrijing, dy't mei de Biweling komd is. Fryslân hat nou oanpart aan de wrâldcultuer.

Nou, sa sit it al, dêr mei men wol bliid om wêze. Dat is een aldersierlikst moai ding. Sjucht men de tûzen-en-iens strideraesjes yn 'e Mienskip sels, den kriget men dat wol yn 'e smiis. Sovjet-Ruslân, dêr't de communistysk-idealistske „Jongfriezen” sa mei yn 'e wolkens binne, is dêr ek in dûdlik biwys fen.

De karakterisearring fen it Fryske folk op side 7 is in mislearring.

Just de Fries is de persoan fen de ynlik-dijippe fieling, en dat teare moedslibben biwarret er as eat hilichs. Hy scil syn oars-wêzen net maklik uterje.

En soks wirdt nou foarsteld as de minske ûnweardich! Dy't dat seit hat sels it Fries-wêzen útskodde ef, hwet ik ljeaver leauwe wol, yet nea forstien.

Yn ús herte is yet it biwarjen fen de hearlike pearel fen it ynlike fielen. En ik achtsje it in great lok det men skrutens is yens siele-skatten, itsij yn yens ljeafde, mei de faem op 'e side, ef yn 't sizzen fen yens ljeafde yn wird en fers, for it each fen 'e wrâld út to stallen. 't Jowt my altyd in gefoel eft ik in blank spyltûch sjuch, dêr't alle fieze en ûnhure fingers op omtûmkje.

Hy dy't soks taskriuwt aan de persoanlikheit, dy't aan himsels genôch hat, wit by alle praet oer sieledijpten der sels gjin sprûtsel fen.

Dat it Calvinisme „somber en norsch” is, en mei heidenske foarstellingen trochmongan, ja det Fryslân oant hjoed de dei ta heidensk bleaun is, is fensels sa'n ûnnoazele brutaliteit det men oars net as der om glimkje kin. Det sôks de oanbidders fen Tagore yen fortelle moet!

Der wirdt mar net oer praet det it nijbakte útfynsel fen Kalma ûnder de namme fen „Histoarysk Idealisme” de wrâld ynscil. Sjoen op it swypkjien fen dizze revolúsjeonair yn mankoár sleine keet hoecht yet dat ek net sa bare nij to dwaen.

Genôch, ús Christen-friezen binne goedernôch ûnderlein om it goede fen dit propagande-skriftke to weardearjen en it sielpesop út it pantsje to jietten.

A. W.

Ta 't hillige.

1. For 't gewaeks.

Wy bitrouwe it sied wer yn 'e ierde, o God, Dy't ús ierde frucht-het makke hat. Dêrom doarre wy hoopje, det ús siedzjen yetris ta rispjjen útdije mei. Scoene wy op ús krêften sjen, den doarsten wy nin keritsje útstruije en scoene wy op 'e swarte modder skôgje, den moosten wy ús wer stil nei hûs bijaen. Mar alles komt fen Jo, en dêrom bliuwe wy hoopjende.

Wy binne sa lyts, det wy ús hadden net brûke kinne bûten Jo; ek scille wy noait ien sprûtsje waechse litte kinne.

En nou binne ús eagen op Jo om Jins segen. Wy hawwe ús lannen by steat brocht, wy kinne ploeije en eidzje, siedzje en plantsje, mar wy kinne nin reindrip falle litte en nin sinnestrieltsje oer ús ikkers gean litte. Det wy it biseffe meije! Us ôfhinkelikens, ús neat-wêzen by Jins greatens en Jins Almacht.

As Jy it dei aan dei reine litte det alles forspield en forwirdt, ef as jins sinne tiden oanien op it ierdryk delbaernt, det alles skrok en joar is en de fruchten wilich yn 'e groun steane, — hwet scille wy der oan dwaen, ef ho scoene wy Jins oardiel ûntrinne? Lear ús den ek yn Jins dwaen to birêsten, yn it bisef det wy net ien inkelde segen op it forflokte ierdryk fortsjinne hawwe.

Mar út reden fen Jezus Syn fortsjinsten doarre wy freegje om ús brea en ús underhâld for eltsen dei dy't Jy ús op ierde jowe. Jow ús den Jins segen en Jins myldens det wy eltsen dei bliid nei ús wirk en ús lannen gean meije, bliid yn Jo, Dy't alles hwet libbet sêddet nei Gottlik woltihagen. Amen.

2. Midsimmer.

By moarntiidsdage en jountiidsspoarper, rounom o hearlike God en Heit yn Jezus Christus is Jins myldens en rykdom yn 'e natûr om my hinne. 't Binne Jins fûgels yn Jins Ijochtsjende dagen dy't Jo, de Skepper, los tajubelje yn wiid forskaet fen liet, en oan Jins djippe himet skittert yn goudene gloede Jins glânzgjende sinne.

Mar ek mei Jins stil-silende wolkens litte Jy Jins segen witte. Yn drikkjende rein en yn suesjende tongeroate. En Jins Majesteit is yn 'e delflikkerjende skitter-waerljocht út 'e blauwe reakoppige wolkenbergen, en Jins Machtigens is yn it lûd fen Jins tonger.

Mar hjoed is Jins Ijocht wer aan Jins himel en Jins suverens oer 'e wiidûtspraette simmerlannen. Geurjend frisse rook driuwt op 'e amme fen Jins winen en weelde is yn 'e teister fen 'e lytse wjukkelders om my hinne.

Det it my ta blidens wêze mei! Lit my jubelje mei al Jins skepsels, dy't tankber Jo priizgje. Hjir moat ik knibbelje, hwent rounom iepenbierje Jy Jins greatens, hjir fal ik del foar Jins troane.

Lit my altyd loktrilje fen blidens, lyk as de stânnen weagje, dêr't de sigentsjes boartsjende oerhinne slierkje. Lit my my altyd yn Jo, yn Jins krêften en Jins jefsen forhûgje. Amen.

3. *Op tankdei.*

Nou ha wy 't nôt wer ynhelle en ús skûrren sitte fol. Us heappen wize de segen út en ús kelders binne rom forsjoen. Ek hawwe wy wer brânje tsjin de kjeld, dy't yn 'e winteriid oer ús lege lannen huvert. En ús fé stiet wer op 'e stâl, smout en wol. 't Wier wer sa'n goed jier.

Dat is Jins segen o God! Dat is Jins útjetting fen barmhertichheit, det wy yn 'e romte sitte mei'. Oare lannen en folken hawwe Jy slain mei hûnger en pest en oarloch, wy binne biwarre bleaun, en libje yn 'e romte. En dochs hawwe wy dy segen net fortsginne. Wy binne like goed sûndaers as hwa fen Jo bisocht binne.

Ek det wy soun en fris binne, hawwe wy oan Jo to tankjen. Jy hiene ús ek delslaen kind, en —wy hiene hjir net mear west. Mar dêr't wy help fen Jo krike ha, stean wy oant op dizze dei.

Jow ús det wy ús tankbrens nou ek sjen litte meije. Yn ús tinken oan siken en earmen, hûngrigen en dy't yn stikkene klean rinne moatte. Det wy for sokken de hân iepenje meije, det wy mei in mei-lydsum herte yn hjarren need hjar bystân dogge. Det wy sa it byld fen ús barmhertige Hegepreester foar eagen hâlde, dy't ek oer ús swakheden en neden him ûntfermet. Jow ús sa de rjuchte tank yn ús herte.

A. M. WYBENGA.



Ofskie.

(It lêste).

„Pimelige Douwe moat sels mar op syn âld fekke fen in wiif passe; ik leau bislist det dy âlde stoatskaver yet nea jong west hat.”

„Ef hy hat it yn syn jonge dagen sa bûnt makke det er nou fen 'e wjeromstuif in oar neat mear gint,” foel in oar dêr op yn. En mei hoar geiden hja 't út det it yn 'e stille winterjoune sketterjend oer de hoare fjilden dreau. It bigoun Tsjerk tsjin to stean: „lit it nou ek wer carne by ophâlde.”

„Och hwet praestû nou,” gyng Minke dêr tsjin yn, dy't fleurich is moat sjonge, dy't seurich is kin mar op bêd gean.”

„Wy moatte der dochs rekken mei hâlde hwer't wy binne. 'k Ha net tjeafst det in oar lêst fen ús hat!”

„Bist fen 'e moarn koarts mei de forkearde foet foar fen 'e bêd ôstant, detst nou sa gnoarrich biste; dat binne wy oars net fen dy wend.” Sa tsjotteren se in setsje tsjin mankoar yn en al lûder waerd de skatter as der tûke útsetters dien waarden. Einlings bounen hja hjar laitsjende en gysgobjende ôf en mei in loftich sin stapten se de bûrren yn.

„t Wier mis mei Minke. Hja ried net wer. Hja hie hjar dy joune rom genôch opwoun en nou wier 't yn 'e hûs bliuwen. Dat kochele mar oan ien sike wei en de koarts naem ta. Moai bliid, mei in pear dagen wier 't fei waer, nou hoechde hja gjin hertsear mear to hawan tyk an do't de bûrfammen by hjarres lâns trapen mei de redens yn 'e hân. Mar mei 't mistige waer, dat der op folge, wier 't mei hjar turkâldsjen net better wirden. Dokter moast ynroppen wirde en ien fen syn earste rieden wier: op bêd bliuwe. In drankje en den marris wer ajen.

Mei de soarch op 'e forware troanje siet mem dy joune by 't bêd.

„Hê fanke, hwet bigreatet it my om dy!”

„Mem moat hwet bikomme. 't Binne iiissklossen; hja binne al wer ni 'e feart, ik seif se ek wol gau wer kwyt wêze.”

Mar sa gyng it net. It boaze almar oan.

„Dy't seurich is, kin mar op bêd bliuwe,” kaem Tsjerk om hjar hwet op te moedigen. Hja glimken, mar it wier it rjuchte net. Hja

hie 't krap en it gyng him tige oan. Dêr laei hja nou, machtleas en hy koe der neat oan dwaen.

„Longûntstekking,” sei dokter de oare deis, „net wer fen 't bêd ôf, safolle mûchlik deljaen,” en dat woe hja ek wol. — — —

Do fieldie Tsjerk earst hofolle hy fen hjar hâlde, Syn derten famke, hwet laei se dêr nou slûch en bleek, den wer hymjend en heechrea holpleas en machtleas hinne. Dat wier der nou oerbleaun fen dy oermoedige, lûd laitsjende faem, dy't mei hjar glinsterjende eagen en fleurige sangen de wrâld yndounse. Hwet koe hja yen it libben Ijocht en licht meitsje; hjar oan 'e side to hawwen yn 'e moanneskynsêftens wier 't heechste ierdske lok. En al fêster waerd syn bitinken om hjar it foar goed en foar fêst to freegjen as hja wer better waerd.

Sa kamen der for him earnstige dagen. It fordjippe syn sielelibben. Faek laei er ûren oanien wekker by it ientoanige tiktak fen it lûdklingeljende wekkerklokje en it bidimme maitiidsrûzjen yn 'e beammen.

Den stige út 'e djippe in bea ta syn God. Ta Him Dy't de machtige is. Dy't helpe kin út it delbûgjende lijen. En as er den al syn leed útklage hie, as er wraksele hie om treast en Ijocht en einlings kommen wier ta it: net sa ik it wol, mar sa Jy it meitsje scil it goed wêze, den koed er wer ta rêt komme. Syn Heit yn 'e himel scoe it dôchs altyd wol it bêste witte.

Né, hy hie net bûten God libbe, mar nou kaem er troch de tsjuster-nisse, ta it riizjende, folhearlike Ijocht fen Gods ivige wierheit en genede. Syn sieledjippe waerd oertein mei de blidens fen it bern dat de Heit fynt, en oer syn uterlik wêzen kaem in stiller en wisser Ijochtens as him oant nou ta eigen wier. Yn earnstiger libbensforsteân seach hy syn paed foar him lizzen en syn wird scoe mear yn oerienstimming wêze mei Gods hillich wîrd. — — —

Hja waerd wer better. De glâns kaem wer yn hjar each en it read bloeide wer op hjar wang do't hja in foech feansjier letter op in jountiid in slachje omdych mei ien fen 'e kammeraetskes yn 'e earm.

„Hwet sjucht Tsjerk tsjinwirdich earnstich,” sei Seaske, „it kin lang safolle net mear mei him lije. Hy seit it ek lang sa moai net mear op.”

„Dat ha 'k ek mirken” andere Minke, „ik kin him einliks noait rjucht los krije. Ik wit net krekt ho't ik it dy sizze scil, mar it is

krekt eft er my hwet forswijt, dat er dochs simstiden wol sizze wol.”

„Hy prakkesearret der wis oer ho't er dy freegje scil om it mar fêst to meitsjen,” lake Seaske, mei-iens Minke hifkjende eft hja mankoar al trouwen biloofd hiene. Hja tocht wol fen net, mar hja woe ek graech it alderneiste witte.

„Mûchlik wol, mar ik wit der neat fen, hy is my tsjinwirdich rom stildernôch, ik ha ljeafst hwet mear plezierigens, men is mar ienkear jong. Hy praet oer sokke earnstige dingen, det ik der fakentiden nin grevel fen bigryp. Hy hat it mar wakker oer de feinteforiening, den wer oer de djippens fen it liet en den oer hwet der yn 'e Bibel stiet. Och, dêr kin ik myn holle sa net mei brekke. En ús by mankoar weigean is meastal de kâlde kant neist.”

Seaske, dy't it goed mei Minke miende, sei der dielnimmend oer hinne: „'k tink dû scilst, noust' wer opgnapt biste, him wol wer yn 'e rjuchte blâns bringe; nou de fiif, ik moat nedich by âlde moeike sjen, dy't tsjinwirdich omgammelt. Ef né, dû kinst wol meikomme.”

„It Moat mar net. Ik sjuch hwet.”

„It Is wier. Dêr komt Tsjerk oan. Nou jim kinne jim wol togearre rjedde.” En Seaske stiek ôf. — — —

„Scille wy in slachje by de trijhikken om?” sloech er hjar foar, do't hja in toarntsje frijhewet swijend nêst elkoar roun hiene.

„It Liket my goed ta, dêr bûtenút scil 't frijer praten wêze.” † Wier as in forwyt bidoeld.

Sa gyngen hja yn 'e Ijochtmornejoun troch de rêtige fjilden. „Hwet bist tsjinwirdich stikum en stil; hwêr binne dyn tinzen? Krekt eft alle grappen mei dy oer binne.”

„O fanke,” boarste Tsjerk út, „ik ha folle to sizzen. 'k Wit hast net ienris hwêrwei to bigjinnen. Wist yet wol, detst sa siik wierste fen 't winter?”

„Nou, hwêt skoan. Mar ik haw it der moai ôfswitten. Ik wit nearne mear fen.” , ,

„Dêr bin 'k sa tankber for. 'k Hie 't der ek tige mei to dwaen. 'k Wol 't dy rounút sizze: ik haw tige, tige om dyn bihâld bidden. Djip en earnstich.”

It lipke krolde-op: „Ja?”

„Bigrypst my net? Ik ha do leard al myn soargen oer dy en ús takomst to bitrouwien oan ús Heit yn 'e himel, Dy't alles bistjûrt lyk for ús it bêste is. Dat ha 'k foun yn Syn wîrd, dat ha 'k field yn myn herte. Hastû noait soks yn dy omgean littien?”

„Hwet scil 'k sizze: ik bin moai bliid det ik wer better bin en dû ek, fiel ik; dû kinst bigripe det ik dêr wol mei ynnommen bin,” en laitsjenderwize ploaiste hja in pear pinksterblommen. Do naem hja syn earm wer as om him oan to moedigjen him neijer oer hjarren forhâlding to forklearjen.

„Ja fanke,” sei er, „ik haw do folle mear úntfinzen as dêrt ik om bidden haw. It wier my to dwaen om dyn bihâld en do moast ik der ta komme my oer to jaen oan Gods wil, hwent hwet hawwe wy fortjinne en hwet hawwe wy to freegjen? It waerd my dûdlik, det alles genede is, det wy alle wille, alle nocht krije út 'e Heitehân, sùnder det wy soks wîrdich binne. Ik haw dat aititen wol witten, mar do haw ik it bilibbe.”

„Ik scil dy net tsjinprate, mar hwêr wost hinne? Dû ploegest joun hwet djip, tinkt my.” Hja helle der in sprekword by, det hja heit al faek-en-folle yn 'e mûle hie.

„Mar ik moat it dy sizze. Ik haw dêr it heechste lok yn foun.”

Dat stiek hjar. Heal binijd, heal forwitend seagen de greate, blauwe eagen him oan. In skaed fen jeloerskens dwelme oer hjar gesicht. Dos scoe hy it heechste lok net by hjar fine? Dat hie hja hjar oars foarsteld. As hja in jonge hie, woe hja hawwe scoe hjâ for him it heechste wêze. Hjarselme woe hja ek alhielendal jaen. It heechste lok yn 'e ljeafde, yn 't by in feint, strak by in man to wêzen. Hy moast de sterkere wêze, dêrt hja hjar om hinne klammere. Hy it midspunt. *Hja* hjar hûshâlding kreas en eptich foar elkoar skikke om him dêr it lok mei smeitsje to litten. Hja for him it sintsje yn 'e hûs. Hja wist net ho him hjiroer to reden to stean.

Tsjerk wist hjar swijen net to forklearjen, mar hy wier der nou oer bigoun, hy moast alles sizze. „Dû biste myn faem, ik hâld fen dy, en dêrom moat ik myn sielelibben for dy bleat lizze. Alle jounen, foardet ik my deljow fiel ik my sa tichte by God, by myn Heit yn 'e himel, den moat ik myn sûnden sizze, den klei ik myn leed, en den is 't yn my dat sêfte triljen fen 'e lichte koelte, rêstoanbrin-gend en fredejaend, sadet ik my wer forhûgje mei yn it witten det Jezus alles for my folbocht hat; dan scoe ik wol jubelje kinne oer dy forlossing. En by de fortreasting, dêrt Gods Geast yn mines sprekt en my meinimt as yn in stil en blank oertein miedelân, bin ik sa ryk det ik hiel myn libben wije moat ta de eare fen dy God, Dy't my yn 'e ljochtste kriten it lok jowt.”

Der wier as forhevenens yn syn lûd, mar hja kaem net ûnder de yndruk. „Dû praetst as in dominy. Hast soks út 'e boeken? Dêr steane wol mear sokke romantyske dingen yn. Mar dêr kin ik my net mei ophâlde.”

„Mar Minke,” en hy seach hjar lyk oan, „dat is myn libben, myn rykdom, myn blidens, en kinstû my yn soks nou suver net bigripe? Wôlstû den God net mei my tsjinje?”

„It gean nei tsjerke, en by heit-en-dy lêze wy yn 'e Bibel,” hja woe it wer goed meitsje, mar hja fielde teffens, det hja him gjin ljeagens sizze mocht, nou net, de stoune wier der to wichtich ta.

„Mar siz my rjuchút, is dy dat wille?”

Hja loek oan 'e skouders. „t Heart der sa by. Yens sneinske klean moat ekris wierre wirde. Sit ik den net goed stil yn 'e tsjerke?” Hja prebearre wer mei in luftige útfal út 'e knipe to reitsjen.

„O to nou, anderje my better!” Smeekjend kaem it der mei him út.

„Goed, ik hâld net fen fimelejen. En dat al to fine liket my ek net goed ta. Dy ljeue mei de holle op 'e side kin men mar yn 'e gaten hâlde. Nou witst it.” En der laei spot yn hjar eagen.

Hy seach forselein for him del. Sjuch, dat hied er altyd oan him hawni as de minken him lykwei tsjinkamen koed er sa biskamme wêze. En det sy dat dych! Mar hy wier hast ek op it ein fen hwet er foar him nommen hie to sizzen, en dêrom kaem er stammerjend noch mei ien fraech: „Mar kinst ek bidde?”

„Wy hawwe tominsten altyd de hanner gear for ieten en neityd ek. Mar hwet mankearret dy joun? Dû bist hja in gesellige prater. Scoene alle feinten hjar fammen mei sokke riddenaesjes opfleurje? Den mocht ik wol lje, det it frijen forbean waerd.” Hja moast him hja sear mei dwaen, hja bigriep it, mar dat fen it heechste lok niet hjar ek noch dwers.

Hy trille it út. „Mar,” it skrokte him yn 'e kiel, „mar passee wy den sa wol by elkoár?”

Hja bigriep. Scoe hy — it útmeitsje wolle? Dat mocht net! Dêrfor hâlden hja ommers fiersto folle fen elkoar. Hie hja net, nou al jierren, hjar sinnen op him set? En hie hja net oan him mirken ho'n yndruk hja op him makke hie? Hied er sa pas sels net sein dat er fen hjar hold? Mocht den sa'n wûnder heimich ding as de godstsjinst dêr twisken skouwe?

„Och to nou, dû moatst sa net prate. Wy hâlde ommers fen elkoar.

Dû witst it wol fen my. En niiskreksa hastû sels my yette sein detst' for my fielste. Dogge nou net sa nuver." En mei alle longer yn 'e blauwe eagen en de ljeaflikste laits om 'e waermreade lippen joech hja hjar tsjin him oan. Djip boarren hjar eagen yn sines en hjar herteklop hime tsjin syn boarst.

„Jonge," flûstre hja, „myn jonge, dû bist hwet oars oan my forplichte. Hawwe wy dêrta gjin trije fearnsjier forkearing hawn?"

It sloech him tsjin de kiel oan. Alle hertstocht waerd yn him towekker. Efkes joech hy der oan ta. Do makke hy him séftkes los. It dwelme him foar de eagen, mar dochs, soks mocht de echte ljeafde net h jitte. Net de lichemswaermte, mar de sieleskôging mocht for him de bân fen ienheit foarmje dy't syn geast oan in oarenien forbine scoe.

Hja bigoun it to merkbiten. „Haw ik my for dy fornedere, detst' my nou forachtsje moatste? 'k Woe den mar det ik wit ho fier fendifne wier."

„Siz dat net. Dêr stietst my fierstento heech ta. Ik wit detst in faem mei eare biste. Mar...."

Hja fielde det hja hjar heechste ynset forspile hie, mar yet ienris woe hja 't prebearje. „Hastû den dêrta for myn bihâld bidden? Ast' my dochs net ha wolste, hwet jowt dy myn bihâld den?"

„Ik mei it net for dy forbergje. Lang, sùnder my dêr rekkenschip fen to jaen, fielde ik wol det wy net yn alles allyk fielden; do't ik freegjende wier om betterskip for dy, miende ik it to dwaen for in faem dy't ik ridlik gau ta myn wiif meitsje mocht, mar yn myn bidden is myn bea fordijppe, en myn sielelibben woechsen yn 'e rjuchting dy't it ivige Wird my wiist. Mei ik nou wol mei immen it libben yngean dy't yn it Heechste net mei my foriene is? Yetteris for my is 't it heechste lok yn 'e tsjinst fen God, en graech, o sielegraech scoe ik dy ek sa hawwe. Kinst sa, bist sa?"

Hja fielde wier wêze to moatten. Dêrby, hwet scoe hja oan in man hawwe, dy't it sa nau bigoun to nimmen? Mocht hja om syn uteilik syn inerlike wêzen oersjen? Al ho'n derten bern hja wêze mocht, hja bigoun ek to sjen det de ûngroun twisken hjar twa-beiden wider en wider ynskoerde. 't Dych hjar snijend sear, mar muchlik wier 't ek better sa.

Hja joech him de hân. „Lit it út wêze. Wy hoege ús net for elkoar to skamjen as wy letter elkoar mette."

In nacht gyng him ôf, do't er hjar warden hearde. It moeide him, baernend djip, mar it mocht net oars. „Minke, ik tankje dy. Wy geane yn goedens by elkoar wei." Hjar wieren wer nei 't doarp takijere en by de bûrren gyng elk in kant út. — — —

Wn 'e nachtstiltme riisde de tank út Tsjerk syn herte nei de Himmelheit for Syn soarchsum lieden, mei in snokkerjende bea om sterkte en frede for syn noch wyld forheistre herte. — — —

FETSE GREIDEMA.

D'âld beam.

Fornuvere seach it lyts jongkje nei de hege krune fen de manske beam, dêr't de protters hjar maitiidsjubel yn kweelden. Hwet kinne dy lytse bistkes der aerlich yn dat blêdtsjegûd wibelje en hwet hawwe hja in wille! Sa heech moast ik ek komme kinne. Scoe 'k den de wolken wol rikke kinne, dy't dêr nou krekt foar de sinne driuw?

Sjuch, dêr komt mem oan. Wacht, gau biskûl efter de stamme, den kin mem aenstouns hjar Sije net fine.

Mar mem hie hjar baes-mantsje der wol efter krûpen sjoen en mei in glimke kipe se om 'e stamme hinne: „ja, dêr wier myn jongkje al! Scoed er mem aenstouns efkes kjel meitsje?"

Mar de lytse biis dych nou gau in pear stapkes nei de oare kant, hy wist, mem en hy koene altyd sa moai pi-ba boartsje, nou mei de holle om 'e iene en den om 'e oare kant fen hjar âld frjeon. Mei in setsje do't mem hjar nocht bigoun to krijen, pakte se hjar soantsje en heech wier syn jubel, do't er him kraeijenderwize tsjin mem oanjoech. — — —

Do waerd er jongfeint. Heech en steatlik stie de pleats op it lytse terpke deun oan 'e Ie. It apelhôf wier oan 'e skûrr'side, en in dûbelde rigel iperen beammen wier as in hoedzjende mantel om it hoarnleger hinne. Sûd-op, efter de pleats laejen de wielderige greidlannen, leecheftich delflijd. Dêr kôgen de kij, dêr drafken de hynsders, dêr hippelen de lamkes yn it maitiidsjocht. Dêr wier for de boeresoan it koumelken en de fûngestiid, it stikeljen en it hekkeljen, it skienbûtsen en it modderriden. Mar ek de widens fen syn dreametinzen.

Der wier gjin stiennen paed hinne, altyd moasten hja mei it

skouke oer 'e Ie as hja nei de bûrren moasten, it wier it plak fen widens en iensemheit. „Hwerom moatte wy hjir sa apart wenjen bliuwe?” hied er wolris tocht, mar by 't greater wirden hied er him wol mids hjar iensemens deljaen kinnen. Hjir wier syn wirk en syn brea, hjir op dizze pleats hiene syn âlden en foarâlden oant yn fiere slachten wenne, hjar wille foun, hjar striid striden en op 't lêst de wirge holle dellein.

En jouns harke er nei it fine genûnder yn 'e âld eskenbeam. Dat wier as er sa'n hillige wijing oer de bidauwe fjilden hong.

Heit hie him de skiednis fen 'e esk forteld. It wier ek fen heit det hy it wiste fen syn foarteam. Hjar namme hie by de âlde Fryske adel heard. Yn 'e gevel ûnder de ankers dy't it jiertal 1754 oanjoege wier hjar wapenskyld op in stien úthoud. En yn 'e tsjerke koe men ek it adelik wapen fen de Mokkema's fine.

Do't heite oerpake yet in jongbaes wier, wier de stins fen do ris ôfbard. Der waerd grute fen troch kwearfjeonen, minsken dy't it de Mokkema's forginden det hja op sa'n stins wennen en it sa rom hiene.

Do wier der nijmoadriger spil foar yn 't plak kommen, itselde dat nou, wolris op preparearre fensels, yette stie. En do hie de boer syn soantsje it lytse eskje plante, dat nou dy geweltige beam wier. Dat scoe nou oardelhûndert jier forlyn wêze. Sa wiernen slachten kommen en gien, sa hiene sinne en rein, sêfte siichjes en balstjûrige winen it beamke dijen dien en fêstens jown. En wier er great wirden en swier det twa manljue him mar kwealk omklamme koene en heech yn 't roun spraette hy syn wide krune boppe de oare beammen út.

En dêr ûnder wier bidden. Hwent fen âlder op âlder wier de Bibel hjir yn eare en hie it folk by Ijochte dei en drôve nacht it herte opheve nei dy God, Dy't yn Syn wird Him iepenbiere hat. As de tiid fen ôfreizgjen kommen wier, hiene de Mokkema's hjar den ek rêtich oerjaen kinnen yn 'e hannen fen 'e Heit, Dy't it altyd goed makket. Hja wisten, al waerd hjar oerskot strak oer de Ie fearn om to rêtsten dellein to wirden yn it lytse doarpke, in kertier fen hjarren pleats fendlinne, hja sels scoene yn wider en blider lân hjar Heilân loovje mei reine himellieten.

Sa wier yn 'e siele fen 'e jongfeint it hillige gelove opwoechsen ûnder de rêtstige amme fen it âlderlik bywêzen en hied er him dêr

inckich ta field. Rounom wier yn 'e Natuer de stimme fen 'e Heit to bilûsterjen, rouom wier it mannichfâldige Leed dat om forlossing frege en yn syn djipste inerlik hearde er de treastgjende wirden fen Jezus de Heilân: Frede troch my, forsoening troch it bloed fen 't Kreuz.

En yn de lange winterjouwen hied er út syn boeken yn him opnommen de wizens en fornimstigens fen de greaten ûnder 'e minsken.

Dy winters laei de Ie wiken oanien ticht. De minsken kamen witbo-fier út wei streakjen de sulverglinstjende baen del. Read en ijochtglinstjend sparkelen de sinnestrielen oer it skrapsel en de snielaech aan 'e kanten. Heimige wünders trillen yn 'e skerpfine loft.

Do wier it komd. Hy hie hjar meinommen, dy jouns foar 't earst, sei de pleats en ûnder de hege esk hiene hja stien. Fol hiene syn inken hongen, sa fol as by 't simmer fen blêdden, nou fol swiere streaken rym, dy't der nachts oanwoechsen, suver kristal út in meerkelan. Frijend, it wier allegear sa folle oars, sa mear gloede-trille as yn foarige tiden, hy scoe der nou hielendal mei formoed-siene wese hja altyd bliuwen to moatten. Dêr hie er hjar deun tege him oanlitsen en it „altyd mines” mei in suvere hertepea bisi-gele. „Meije wy rein bliuwe yn ús ljeafde as de snie fen Gods loften, as de funkeljende rym oan ús âlde esk.”

Letter binne hja it libben yngien, rêtich-bliid en earnstich-dimmen. En do't heit de holle dellei waerd Sije Mokkema boer, great-boer ek, mar by al it hollebrekken oer fé en fjild wier der dochs hewet berntsjes yn him oerbleaum, eat dat harke nei de poëzije fen it wide en it hege, it Ijocht fen 'e fjilden en de manskens fen de âld beam. Sa libben hja hjir mids Gods mylde natuer, mei it wenstige Ijocht en skaed oer hjar hûs. Der kamen siiktmien ûnder it fé, it hea fast siis dagen oanien to bidjerren yn 't swé, de lege lannen rounen taek ûnder as it iten der yet lang net út wier, mar ek wierne der goudene simmers en folle gollen fen moai blank hea. En wille en leed brocht tichter by de Himelheit.

Under de âld esk boarten ek Sije syn berntsjes lyk as hy as lytse buker der ûnder boarte hie, mar ek waerden him wer fjouwer fen de seis ôfnommen, jonge blomkes, ringen oerset yn heger tún. Dat hiene swiere slaggen yn syn libben wést. As er ûnder de tsjerkhôfs-beammen stie, by it grêf fen syn ljeaven, den trille der in toan fen

dijp en barnend sielelijen yn 't herte en hied er to kampjen mei de wraksel fen gelove en ûngelove, tiden oanien, ear't er wer rëstich sizze mocht: De Heare hat jown, de Heare hat nommen, mei Syn Namme love wêze.

Sa hat Sije Mokkema fyftich jier boer west op 'e pleats fen syn foarâlden. As in drege Stanfries stie er dêr to wacht, hoedzjend oer lân en fé, oer boaden en arbeiders, oer bern en gesin. Mar de lêste fiif jier waerd er hird minder. Mei't er do syn Doetsje bïërdigje moast wier him syn libbenstier ûntnommen.

„Jimme âlde esk wirdt minder; dêrre, dêr't jim dy strampel ôfseage ha, is er gânsk ynkankere. 't Scoe wol hwet bigreatlik wêze, mar moat er net hast om? As er ris op 'e skûrre falt is jim ûngelok net oer to sjen. Sa bigouuen wize ljue to praten. Mar de âld boer skodholle: „Hy stiet gewoanwei net oan 'e winige kant. Hy scil noch sa lang wol mei kinne as ikke.”

En yn stille jounen koed er ûren oanien him fornoegje ûnder syn âld frjeon, dy't syn wiidûtspraette tûken noch likegoed fol majestiteit nei Gods loftsen útstiek as fyftich jier forlyn. Dochs kaem der ek gânsk dôf hout mank it libben en wier simmers de blêdderkrunne sa ticht net mear ef de boartlike sinnestrielen wisten de paedtsjes to finen, hweretroch hja op 'e langopskettene gêrsraeijen kamen to dounsjen.

„Wy wirde dochs âlder, myn beam,” mimere Mokkema heal foar him hinne, gau scille wy it jaen moatte. Den fal ik wei yn 't grêf en dû wirdst omkappe. Sa reisge wy út dizze wide lânsdouwe wei. Den skied ik fen de Ie, it nûndrjende wetter, en fen e steatlike beammen, fen myn âldershûs en ús drôgjende lannen. Lokkich haw ik hope fen mei gauwens oan to lânjen by de suvere rivier mei it lottere wetter, by de beam fen it libben, dy't ivige frucht jowt, hwaens blêdden yens wounen hielje, yn 'e stêd mei de poarten fen pearels, yn it Heitehûs mei de mannichten fen wenten, yn it lân dêr'ik rête mei oan it Heiteherte. 't Skieden scil my swier falle, mar o dat lok altyd by Jezus to wêzen.” En by himselme nûndere de âld man in Gesangfers dat spriek oer de hope fen it ivige libben. — — —

Do't op in lette hjerstsneintomiddei de wyn omskoerde nei 't Noarden like de stoarm vrij baen to krijen. Gierend fleagen de wynpûsten oer 'e fjilden, yn wylde gisel krijboartsjend mei alles hwet los to wrikken wier. Twirwyn op twirwyn draeide om de âld skûrre

en de pilehout op it üleboerd sloech as in wyld yn 't roun. It wetter at 'e fe weage woast oer 'e wallen, flokken opjage skom stouden rûden fier oer 'e deildûkjende gérzen. Reingjalpen spielden spattend oer 'e spookrich glinsterjende lannen, en wylde wolkenflôdzzen dreawan leech oan it forheistre swirk. Swy whole bûgden de tûken ûnder de krêft fan Gods amme, ynlyk skodzjend by it loslittene wynwûnder.

Wer skoerde in draeijende wynfleach om 'e skûrr'side en mei ien gounjende knap barste de âld beam gnots by de groun ôf, skokte oer side en droane tsjin de lerde.

Dêr laei er, njunken de skûrr'side delteard, allinne in pear heane splinters stiene noch, in mânself heech.

Trie wiken neitiid hawwe hja Sije Mokkema tohôf brocht.

FETSE GREIDEMA.

Oer 't Fryske mēd.

† Wirdt stil oer ûs Fryske lannen. Wol in bytsje mei heimwé inke wy oan foarige tiden, do't fen alle kanten it libben opklonk.

Hikketikjend snoerre „Frisia,” Kalma syn nijmoadrige meanmesjine oer it mēd, wol kamen der navenant net folle swéen del to lizzen en gyng it faken skrank en skean troch in oarmanne wirk, mar der wier dochs hwet to rôdden. Mar nou wolle syn gudzen net in tweintichste fen hjar krêft mear offerje, en „Frisia” moat op 'e helling. Kalma hat al fornijd det der twa lytsere mesjyntsjes fen makke wîrde scille, mar ik haw soarch det dat tweintichje it saekje net gleyd sitte scill.

Den biene jy, nou in foech pear jier „Tsûgenis” it flymskerpe scintje fen Folkertsma, krêftich swaeijend en gysten foarûtslaend, eins sâ det it frijhewt op in remkjen gyng yn 't prebearjen om like tolle del to lizzen as Kalma mei syn great ark. Nou't de konkurrense dien is, hâldt Folkertsma ek mar op, hommels, súnder kik noch mik oer syn ôfgean to jaen.

It Selskip fen '44 wier mei twa stikken ark yn 'e wapens. „Frysian,” dat belletristysk, en „Swanneblommen” dat skied- en taelkinlich him ûntjoech. Súnder great-swé-slaggerij diene hja hjar wirk, dêr'iet niet wol hwet goeds fen to sizzen wier. Mar de mannen fen '44

hawwe beide wapens om in hoekje set. It scil oars bisocht worde.

Oant nou ta hie P. Sipma, in soarte malcontint, in eigen reau yn 't fjild, ûnder de namme „It Heitelân.” Yn hokfor'n swé dat gyng, wier net rjucht dûdlik. It hiet net *âld*, en it wier net *nij*. Sipma is nou baes-ôf worden, en hat oan R. W. Canne, J. J. Hof, O. H. Sytstra en J. Winkelman it stjûr yn hannen jown. Deselde Hof en Sytstra, dy't hy yn 't foarige sa heftich tsjinstie, (hwerom?) steane nou op syn karke, en Hof as baes hat nou ûnder him as feint... P. Sipma! Sa kin 't gean.

Hwet ik tige hoopje?

Det der nou ris in ein oan dy persoanen-minheitsjende kreauderij komme mei, dy't gansk in hoart de Fryske biweging ta ûneare wier. Dy Fryske bernelêsboekjeskiednis hat hwet to wei brocht. It like wol det de foarmannen dêr berneftich fen worden wierne. Earst dy strideraesje, dêr't Hof mei syn boekje *De kwasje Wielsma-Sipma-Hof* siker net in moai bigjin mei makke hat. Do Sipma en ien fen synlearlingen D. Kalma, dy't hjar tsjin Hof to skoar setten. Binammen Kalma dych dat op in wize, dy't troch 't sunfetsoenlike hinne wier.

Do Kalma, greater wirdend en net in bytsje himsels fielend, it safier bringend det er it wol bûten Sipma stelle koe. Dêrfendinne Sipma syn allinne-foartarbeidzjen yn „It Heitelân,” in wykblêd, dat earst wakker mei nije mienskipsidéen op snijt wier, mar dat sta-dichoan hwet delbêdde. In eigenlike Sipma-partij bleau net mear oer, en nou lykje Sipma en Hof wer foriene fierder arbeidzje to scillen. It liket my sa min yet net ta. Litte dy twa mannen nou mar gjin âld sear wer opikkerje, mar elkoar oanfoljend, elk nei syn krêft it wirk dwaen op ús Fryske fjilden. Ta opbou fen de saek, dêr't it om giet. Der is wol bihoefte oan ienriedigens. Om it ynkringende Hollânsk to bistriden, dêr hawwe wy de hannen al mear as fol oan, wy hoege ús krêft net to forsplinterjen mei op elkoar yn to houwen. Ek moat net forgotten worde, det dat gesanger fen: dû bist sa great net as ik, eltsenien misstiet. Der moat net yn 'e earste pleats nei frege worde hwa in great talint hat ef in lyts, dêr kin in minske ek al in danich bytsje ôf- ef tadwaen, mar wy moatte oan 't wirk, elk nei de gave dy't de Skepper ús jown hat.

Hjir wol ik yetris útsprekke det der for Folkertsma gjin reden is

om him fen ús Selskip ôfsidich to hâlden. Komme wy mei rede-naesjes oer ús nasjonaliteit wol ien stap fierder, as wy dy nasjonaliteit net yn al ús wirk en wêzen opkweekje en suver biwarje? Us fryske skiednis moat wer opdjippe worde, der moat arbeide worde om in Fryske liturgy to krijen, forhael en dichtstik moat ús libben forrykje, en al sa mear. Dat helpt folle mear as dat getsjansel fen, sa moat it nèt, en sa moat it âl, dy is neat wîrdich en dy wol in formeerde kant op.

C. Wielsma, âld-foarsitter fen it Selskip fen '44 is okkerdeis forstoarn. Hy wier klear yn 't koartswilige. Koart en op de man ôf wier syn wirk. Lyk koartswyd uteraerd ek is. Spitich det der faek spotten mei it hillige mei mank wier. Oan syn Fryske kin yet in foarbyld nommen worde.

NIJEWIER, 28-2-'22.

A. M. WYBENGA.

Wersjen.

It healslitene steksdoarke flapte efter my ta en ik seach ris by 't aldmoadrich hûske op. In gammel spiltsje, tocht ik. It üleboerd liket wol op 'e healmoanne as er ûnder gean wol, en it reiden tek koe wol in biddeltekken wêze. Hjir grien fen moas, dêr in skobbe strie der opplakt en flak by de nael forsiere mei in pear planken dy't in oppoppele steed hjitte del to bêdzjen. In pear âlde strampels fen beammen skôgje dit toaniel oan en lykje noch greatsk to wêzen op de sobere goudtsjebloemen, dy't mids nettelgûd en weversblêd in heukerige forskining útmeitsje. En 't hiele saekje hjir iensum en op 'e romte.

„Folk,” gjin andert, allinne it gemâltjig fen in stikmannich bernefûdtjes kaem my de gang lâns tomiette. Forheftiger klingele ik mei de ring en mei útsetten lûd balte ik yn it loadske op: „Folluk!”

„Sjuch ris Matsje, hwa't dêr is,” hearde ik in frouljueslûd sizzen. Ik skrûde op. Kaem my dat lûd net bikend foar? Ik koe 't my hast aet bigripe. Ik kaem ommers noait yn 'e lege Marlannen, al laeiken se ek mar in ûrke oardeheal fen uzes ôf.

Dêr kaem in sutrich bernekroeskopke om 't hoekje fen 'e keamersdoar, „Hwa is dêr?”

„Soa grote faem, is jim heit ek thús?”

„Né, mar mem wol.”

„Wol hja mem den efkes roppe?”

It dûrre yet in toarntsje, dêr kaem it minske oansloffen. In slodermike, tocht ik. „Dach frou, bin ik hjir by de oppasser fen it stik lân dat ûnder forkeap stiet, de fijerdeheal oan de Marsleat, bidoel ik.”

„Jonge ja, mynhear,” bigoun it minske, do hommels hjar forfet-sjend rôp se: „wel, wel, Fetse, bistû dat?”

Nou seach ik it ek, it wier Gjetsje. Hwet in forskil. Wier dat nou deselde, dy't ik kend hie as sa'n stevige roun- en readwangige faem mei dat wize gesichtsje en dat kwierich opmakke hier? „Fanke Gjet, wenje jimme hjir? Dat koe 'k net forwachtsje. Ik miende dat jimme nei poppe Grins tein wieren!”

„Dêr ha wy tsien jier wenne, mar ik haw my der nea rjucht thús field. Ik haw dêr it rûzebroekjen leard, wol 'k leauwe. Mar mei sa'n keppel bern is 't ek in hinnekomen. Mar hwet praet ik, kom yn ju, Marten komt aenstouns thús, dy kin 't dy wol wize. Tominsten,” kaem der heal skruten, heal ûndogensk efteroan, „as sa'n hear astû biste yn ús wente wolste.”

„t Scoe hwet moais wêze. Tochstû det ik my for âlde goekunders skamje scoe?” sei ik, en strampele oer de berneklopkes hinne de gang lâns.

„Dêr is in stoel. Fetse ef Greidema, hwet moat ik sizze? hwet bistû in mynhear worden, de stevels om en in forstânschoedtsje op! Ja ik hie der al praet fen heard detstû mar hird foarútboerkest. Dat hie 'k yn 't foarige net tocht. Dû likeste sa'n simpele jonge, to aeklik om op 't lân de hannen út to stekken. En den dy rymkes meitsje en dy fortelseltsjes optinke! Neat for úsljue. Dêr komt noait hwet fen dy feint tolânné, hat heit faek sein, as 't oer dy gyng.”

Yet deselde forteltsjemoi, tocht ik. Dat flapt der alles mar út hwet hjar foar it snûtsje komt. En dat komt der sahwet eigenwiis-skimp-skoatich en tryktoskjend mei del. Dêrfendinne hie 'k ek altyd in wjeraksel yn hjar hawn. En ik miende wol to witten det hja my ek net rjucht luchte. Hja hie 't wol hwet op myn kammeraet Jetse bigrep hawn, dy hie hjar alris in pear kear nei hûs brocht, mar do wier 't ek út rekke. Mei troch myn tadwaen. Ik pleage him altyd mei de proastigens en eigenwizens fen dy femylje en sa koe 'k him oerriede. 'k Leau fêst det Gjetsje wol bigrep hie hwer't de oast siet.

Hwet seitliid hie hja faken op my offjurre.

„Ik sei: „och ja, 't kin üngelyk rinne.”

„Wis al! soa wolst nou lân keapje. Dat is in ein by jimmes wei.”

„For hokkelingsweide. Dy kinne hjar hjir gau hwet rôdde.”

„Just. Ja, dû hiest net tocht detst ús hjir wenjen fine scillen hiest.

En ho giet it mei de âlde doarpsljue? Ik kom der noait mear, mei't myn femylje dêr útstoarn is.”

Ik fortelde hjar de nijtsjes en al ridlik gau wieren wy yn ús petear by de fleurige tiid do't wy jong mei elkoar wieren, nei de sangforiening gyngen, op de bûrren kuijeren, elkoar in loege ôfseagen en folle gjin genôch. It dych hjar goed.

Hommels hearden wy bûtendoar in nuver gekeakel. „Dêr ramaeit my dy tsjonkert fen in jonge yn 'e hinepiken om, ik moat der mar efkes hinne,” rôp Gjetsje, en ja man, wylst ik troch 't rût seach, hâldde in streupert fen in jier fjouwer, fiif sa'n bistke by de flerkjes beet en sloech der mei hinne en wer.

Nou't de frou der út wier, seach ik efkes om my hinne. Yn 'e widze laei fêst in lytsen to sliepen, ik hearde in soun sykheljen efter de griene gerdynkes. Yet twa lytse bûkemantsjes sieten by my yn 'e hirdshoekje mei in pop sûnder earmen om to dokterjen en 't lytse kroeskopke, dat ik 't earst sjoen hie, stie yn 'e platte kast mei in skûfeldoek to draeijen. De dripkes sipelen troch hjar lytse fingerkes.

„Ja,” sei se, do't se wer yntkaem, „seis bern, it is ploeterjen. Mar hja binne allegear soun en as hja jouns op bêd lizze en sliepe as roazen, den siz ik tsjin Marten: wy binne dochs lokkich.”

Ik bigoun hwet krekter ta to sjen en mirk det hja de bern yet net sa fodderich yn 'e klean hie as ik earst wol tocht hie. Dêrby hie se mear soarch oan de bern bistege as oan eigen uterlik. Ik bigoun to bigripen. It wier eft hjar myn tinken rette. „Ja,” sei se, „'t is hjir woli skjin op en skraech genôch, mar Marten moat it ek allinne fortuinje. Ik siz den, moed hâlde, it binne nou de minste jierren.”

Ik knikte. Yetris tocht ik om it wiisnoazich fanke fen eren. Hwet in foroaring!

„Ik haw ek in bulte leard,” sei se, do't ik swijen bleau. „Just det it my net gyng sa't ik útrekkene hie, hat my op in plak brocht dêr't ik net graech wer wei wol. Dû forstietst my dochs wol as ik siz det ik mei al myn noeden en soargen mij bijown ha ta Gods genadetroan en dêr skûl fyn.”

Yetteris knikte ik.

„Dat is lokkich. Mar it hat my striid jown. Ik woe dy kant net út. Ik forbylde my hiel hwet. Mar do't ik by it stjerbèd fen ús lytse Steffen stie, haw ik field det men mei al yens ynbielingen doch neat to bitsjutten hat. Ja wy hawwe ek al ien to hôf. Dêrre leit er,” sei se en wiisde oer 'e weagjende noaten nei it neiste doarp. „Dêr leit er, deun by de tsjerke. It wier yn 't twadde jier fen ús trouwen. Us earste jonge. Hy wier yn trije dagen soun en wei. Hwet haw 'k do gûld. Mar ik sjuch nou wol, det it ta myn bêst wier. Ik hie tofolle in ôfgod fen it jongkje makke. Yn 't earstoan wier 'k bliid det wy mar nei Grinslân ta scoene, den wier 'k út 'e krite dêr't wy dat troch-makke hiene, mar do't wy dêr in jier ef hwet west hiene, woe 'k dôchs graech wer nei 't plak dêr't wy ús earste jonge forlieze moasten. Ik kin nou by 't grefke komme sûnder det de opstân it yn myn herte wint.” Sa prætten wy oer blide en drôve dagen en hiene net ienris fornommen det Marten thûskommen wier.

Hy stiek my de hân ta. „Jy hjir? Bliid det ik jo yetris sjuch!” Der kaem in lyts glimke op syn hwet wirrich lykjend antlit.

Ik seach de wrotter fen tersiden aan. Hwet in forskil by de nochteren jongfeint, sa't ik him yn 't foarige kend hie.

It wier sahwet in byinoar skopt pearke west. Hja hie Marten nommen om't it oars net rjucht bûterje woe. Hja hie foartiid faek de gek mei him hawn. Mar it libben ploeget syn foergen oars as wy ús foar-stelle. En dochs komt it lân sa to lizzen as it ta Gods bidoelen it winsklikst is. Sa bigoun ik it nou to sjen.

Wy hiene al in heal ûre oan 't petearjen west, ear't ik mei myn boadskip op 'e proppen kaem.

„Nou,” wier Marten syn biskie, dat scoe 'k jo net oanriede. De groun jowt dêr sâlt wetter op. Ik haw dêr wol gauris in beest yn 'e greide snoen dy't der net oer koe.” Ik liet my biprate om der mar net hinne to gean en ynpleats dêrfen mar by hjarres to bliuwen to iten.

't Kin frjemd gean, tocht ik, do't ik by 't Ijochtmoanne waer wer nei hûs ta fytste. Ik bin net ta myn doel komd, en hie 'k foarút witten hwa't ik dêr fine scoe den hie 'k der net nei taeld om dy ljue op to siikjen. Mar nou't ik der west ha is 't my noflik to tinken det dizze ienfâldige en sahwet slobberdoezige minsken my ûneindich neijer binne as in hopen fen myn ûntwikkelde goekinders.

Wachte hja net op him? Hwerta dy oare oansiken oars ôf to slaen?
Wist er net fen hjar, det hja, sa bidest en stil as hja wier, in
siikjende siele wier, lyk hy sels ek?

Hokker kant moast hy der mei út? — — —

Hark, dêr droane swier en stimmingfol njuggen galmjende slaggen
troch de suvere jounloft. 't Wirdt bêdtiid, jonge, moarnier moast
wer bytiid út 'e fearren. Nou dat is 't slimste net, dêrfor is er jong
en soun. Dat scoed er ek moatte as er yn in eigen bidriuwke arbeide.
Dêr kin men wol âld om wirde.

Rêdsum hat er de klean út, en den jowt er him del mei twivel yn
't herte, om — ek wer mei twivel wekker to worden.

E.

J. B. V.

NEI IT TSJERKHOF.

De loft wier fol laitsjende lijens,
De wrâld wier in blierkjende blom,
De fûgeltsjes tsjottren hjar lieten
Heechriizjend en helder from.

Wy gyngen yndrôvich ús paden:
Dat knopke fortige sa ier,
It wier sa'n oannimlik lyts boike
Dat jongkje fen oardeljier.

't Wier de earste; noch 't iennichste berntsje,
Heit hie der sa great op west,
En memke hie sa mei him troaike:
Nou hommels wier 't ljochtsje dwêst.

Dêr sjuch ik him lizzen yn 't kistke
Bifallen en deaditsen wyt;
Ien wink noch, ien langen, nou binne
Wy 't mantsje for altyd kwyt.

De loft wier sa laitsjend en lotter
En ljochtsjend en ljeavjend de dei,
En heech wier de floit fen 'e fûgels
De blomkes fornuvren mei.

Wy folgen yn dimmene hâlding
't Lyts kistke op 'e rige efternei;
Us tinken wiern' dûnker fen drôvens
En net by de deade wei.

Wy brochten him deun by de tsjerke
't Earweardige hûs ta Gods ear;
Hwet wier it dêr trystich yn 't grêfte;
Hwet docht yet dy klûtbûns sear!

Wy haw yet hwet praten yn 't stjêrhûs
Oer 't wird fen it Hillige Boek,
En fielden ho'n bân fen bisibbens
Us herten stil-fêst omloek.

Do binne wy ider ús swé gien. —
't Lyts wentsje stiet kant by de wei,
Mar d'ryn bliwt it iensem en liddich
En mem skriemt de gânslike dei.

A. M. WYBENGA.

WY GYNGEN TOGEARRE.

Wy gyngen togeare dat leantsje lâns;
De joun wier sa stil en sa blank,
De swietrook dreau sêft om it hjouwerfjild ta
En myn fanke wier rank en sa ljocht.

Wy hellen togeare dat lietsje op,
Dat sangkje sa âld en sa hiem,
De blidens blonk sêft út 'e bûterblomsknop
En sa stil wier hjar skitterblau each.

Sûnt binne de dagen mei rêddens tein
Us laits en ús sangen binn gien,
Mar sims yn in glimp fen 'e fredejounsnacht
Ha 'k wer d' âlde sangblidens forstien.

W.

Jonges-libben.

3.

Jouke wier neat net op syn dré, do't hy yn 't sânhok opsletten
waerd. Allerhande tinzen kamen yn him op. Hwet scoe de boer mei
him foar hawwe? Ho scoe 't mei Japik wêze? Hwet scoene se yn
skoalle wol net tinke? Hwet scoene syn heit en mem sizze as hy fen
'e middei net thûs kaem?

Boeketafel.

De nije moarn in karlēzing út it wirk fen Jongfryske skriuwers, garstald en ynlaet fen D. Kalma. Utjown by J. Kamminga to Dokkum, 1922. (Priis f 1.50, yn kreas linnen bantsje f 2.50).

It liket wol det de Samler in krûmke yn tizen wier mei de neijere oantsutting. Hy hat net „Dichters” sizze wold, om’t it mei it Dichterskip net altyd yn ’e heak wier; en nou jowt „Skriuwers” de misliedende skyn det wy hir binammen proaza krije scille. „Fersen út ‘e nije tiid” hie better foege. Ef moatte wy oannimme det „Jongfryske” skriuwers oars neat as fersewirk meitsje?

It boek jowt in aerlich forskaet fen fersen oer Dream en Lok en de Natûr, dy’t sa’n soarte fen in God wêze moat. Der is ek wol moaijens fen teikening yn as it giet oer de beammen en wolkens en jountiidskimer, lyk in „Jongfries” dat merkbyt.

Hir ha wy de sterk hertstochtlik dwaende Rixt, de breed útswalkjende Rinke Tolman, de stil sketsjende Sybesma, de dounsjend dwirreljende Kalma, de iensum prakkesearjende Th. de Vries, de koart ófbrekkende V. d. Mei, mar ek de siijkjende, smachtsjende Jousma en de nei lok toarstsjende P. v. d. Burg, nou al forstoarn.

As alles nou dûrjend spil is? Né, en lokkich wit de gearsteller dat sels ek wol. Hy neamt it wirk in bigjin, en net oerienkommende mei syn bigjinselskôging. Lêz de útspinde riddenaesjes op rym fen de saneamde nijeren mar ris en jimme binne dat flak mei de Gearsteller iens. Mar hwerta den seamelige fersen op to nimmen lyk as „De wente” fen Tolman?

As foarbyld en hichtepunt fen Rixt haw ik alris earder oanhelle it ynlik-biwûnderjende: O hja dy’t út ‘e stiltme komme. Fen v. d. Burg wol ik hir opnimme:

De wyn foel en de jountiid kaem
Sa sûnder det men it fornaem;
It gyng sa râstich om en ta,
Do’t men it mirk, do wier ’t al sa.

Sa kaem de frede yn ús hert,
It wier sa en wy mirken ’t net,
It kaem sa ûngemirken wei,
As naem de stille joun it mei.

Wy fielden do't ús tiid der wie'
 Det it hast nea sa moai west hie,
 It lok hie glimkjend by ús stien
 Do binn' wy stil nei hûs ta gien.

Ik doarst de stylfout: de joun wier kaem, hjir net oernimme; it stikje wier my der to goed ta.

Kalma forhopet fen dit boek det it oan 'e lêzer, wylst er oars yn deistichheit forkomt, jaen mei de wierheit fen it djippe libben, de glâns fen skientme dêr't syn sjen en fielen misledige is, en de waermens fen ljeafde dêr't er him forlitten yn ienlichkeit tinkt. Mar as ik it fen sok spil ha moat den liket it my net bêst ta. Al mei de fisysims ridlik goed wêze, it sentiment is trochgeans de planke mis, en hwa kin en scil him nou deljaen by gesnokker oer dream en lok, wylst hjaselme fen dûrjend lok net witte? Hark v. d. Mei mar ris:

Nou dwael ik roun Yn simmerjoun By 't weagjend nôt
 Wylst lêste klang Fen fûgelsang Noch klinkt troch 't wâld.
 Ek dizze dei Brocht stjerrend wei De frede net
 En nêst de dea Skriempt oer it gea It britsen hert.
 Leit oer ús striid For better tiid Den djip in flok?
 O stille joun, Hwêr wirdt it foun It ivich lok?

Is dit nou wierheit en waermens fen ljeafde? Hja, dy't bûten God libje, ha gjin frede, seit ús âlde Bibel. En hja sizze it sels ek, as hja for in toarn hjar siele bleatlizze.

For de útfiering in wird fen lof. Kreaze letter op stevich pompier. Grys bantsje mei in it dêr goed bydwaend binnenblêd.

Mocht it wirk fen de ljeue fen 'e oare kant ek úsljue mar oanfiterje om hjar letterkindich better to ûntwikkeljen. Hja litte hjar Pantheïsme op 't moaist en op 't bêst sjen, hwer bliuwe wy, Christenen?

A. W.

yn 'e namme fen Jezus Christus, amen," en efkes letter koe de vrou sjen dat Tryntsje suver neat bleu wier.

Do't it item dien wier, gung elk syn wegen, mar Tryntsje sei earst hijar tankgebetsje op, ear't hja by de tafel weiging.

De jouns, by heit op 'e fyts, fortelde hja him dat. „Sa wol de Heare Jezus it ha, net heit?" wier hijar einbislút.

„Ja ljeave, Dy is dêr yet folle blider om as heit," sei de man, wylst er him mar krekt goed hâlde koe.

Dy joune, do't de berntsjes op bêd wierne, laeijen heit en mem op 'e knibbels om de Heit yn 'e himel to tankjen for it foarrjucht det yn dat lytse bernehertsje al sa bytiid in freegjen wier om de segen fen 'e Heare Jezus.

SIBE.

Der sûnder.

‘t Ljochtglângjend each fen ‘t jonge memke moast efkes nei ‘t widiske sjen. Dêr leit er, dy stevige jonge, nûmer twa hie Melle mei in ûndogensk glimke sein. Sa pas hie hja him it lytse bûkje wer foljoun en nou binne syn kiperkes tichtfallen. Hwet slept er, dy lytse rounwang! Hja joech hijar op 'e earmen lynjend op bêd omheech om him yet hwet better sjen to kinnen.

Hark, dêr komt Melle oan, jow dy wer del, fanke; och, dy manljue moatte alles sa krekt net witte. Ja, hja wit wol ho't ek hijar man mei „nûmer twa" yn 'e wolkens is, en dochs is ‘t krekt eft hja net rijucht for elkoar wêze wolle ho ynlokkich hja mei dit soantsje binne. Lykewols hja witte it wol fen elkoar, dy stil peinzjende blierens yn elkoars eagen hie it wol goed skine littien. Nûmer twa! En nûmer ien, hijar lytse Freark, hwet is dat al in rakkert, altyd soun, ek altyd yn 'e wapens, sadré er moarns de eagen mar iepen hat. Hark, dêr yn 'e keamer hjerneist giet it der wer oan wei!

Foarsichtich die Melle de doar iepen, it wier oan him to sjen, it wier for dizz' kear net om syn wyfke to pleagjen. ‘t Like mear eft er hwet op 't moed hie.

„Ho is ‘t?" soarchsum kaem it der út.

„O hiel aerdich, ‘k bin ridlik gau wer op 'en baen hear!"

„Ik kin ‘t wol sjen, dyn kleur skoert wer moai by; ‘k haw gau myn Japke wer oer 'e flier. Mar hwet tinct dy, scoene wy takomm' Snein ús lytse Ate net dope litte kinne?"

„Och dû witst wol, ik scoe sa graech mei foar de preekstoel wolle; lit ús yet in fjirtsjin dagen wachtsje."

„Fanke, ik scil der dy nea ta dwinge, mar ik sjuch it dochs as ús plicht. Hwa hat ús it jongkje jown?"

„Dû hast gelyk, wy hawwe alles oan Gods goedens to tankjen. Mar ik scoe sa graech mei wolle. Mei yn 't fjouwerkant, mei anderje op 'e doopfragen." En hijar each glinstere der fen. Moast hijar man it sà ek net bisjen? Mar hy wier der oer bigoun, hy woe daliks gjin krimp jaen.

„As ik dêr ja siz, dogge ik it ommers ek for dy?"

„Wis myn mantsje, dû bist de mûle, dêr't ik troch praet, mar hwet moatte wy memmen altyd mei ús lytse kroaskes ompakke, dû witst it wol oan „nûmer ien," gin my den ek det it net sûnder my giet as it hillige wetter oer syn foarholtsje sprinkele wirdt."

„’k Haw dy al sein, ik scil it net trochdriuwe; ik siz allinne sa't ik it as ús plicht biskôgje. As er ús foartiid ris ûntnommen waerd, ho den?"

Efkess biloek hijar troanje. Dêr wier hwet fen oan. Mar do: „sa moatst nou net prate, hy is ommers sa soun en sa fleurich; en bûtentat, de Doop makket net sillich, hy scoe dêrom yet wol yn 'e himel komme kinne."

Melle fornaem det er net foardere; hy woe syn wyfke hijar net opwine litte, dat koe net lije, en och der wier wol hwet fen oan, hwet sy ynbrocht.

„Nou den scille wy yet mar in wike twa-trije wachtsje, ‘t is my hielendal net to dwaen om dy it gefoel krije to litten, detst der bûten keard wîrdste," en efkes streeke er hijar oer hijar sêfte wangen, dêr't wer in bytsje read yn bigoun to kommen. O dizze reis hie him ek wer sa oandien. Hy hie meilijd en letter meijubele. En yn syn herte wier greate tank west. En hy woe ommers alles for hijar dwaen. Scoe hy den yn dit stik tsjin hijar sin yngelan? Hy wist ommers wol, hofolle hja fen hijar Heilân hold, ho't Dy it Lok wier yn hijar libben, heech en rein en geastlik. Hja hiene nou fjouwer jier trouw west, jierren fen hillich lok yn houlikstrouwe, rike jierren fen forhuging yn de God fen hijar heil. Godsels hie as mei eigen hân hijar twabei-

den by elkoar brocht, for dy God libben hja beide. Né, it wier gjin yngean tsjin Gods ynstelling, willemoeds, it wier miskien in froulike opfetting fen 'e bitsjutnis fen 'e Hillige Doop.

In pear dagen neitiid like it hast sa goed net mei hjar. Hjar geast hie fen it lichem tofolle ferge, och hja hie nea net sa sterk west, en in pear jier foar hjar trouwen hie hja in winterhealjier oan 'e pleuris lein. En nou kaem de koarts opsetten.

Melle stie by 't bêd mei in bea yn 't herte. „Heit yn 'e himel, meitsje myn djûrljeaf wylke wer better, wer soun en wer fleurich for my en ús berntsjes.”

Mar de dagen kamen en gyngen, en it woe net betterje.

Al heviger waerden de koartsen, al mear naem it lichem ôf. En as hja sa dwile, en mei hjar koartsgleone eagen hjar man oanseach, hwet koe it him den bikrûpe. O, dy dwyltael, it snie him troch de siele. „Né Melle, net sùnder my, ik moat der ek by wêze as er doopt wirdt, hear! Dêr koe hja hiele skoftsen op omkreune.

„Myn fanke moat hjar moai deljaen,” delbêdzjend kaem it út syn eangstfol moed.

Sa gyng it al mar, al mar efterút, — en hwet scoe hy der oan dwaen? As Kening Dea neijer komt, hwa scil dy Machtige keare? Hy kaem neijer, it wier alle dagen klearder to sjen; en do't hja in wike twa-trije lein hie, op in Ijeaflik-stille jountiid, spraette de Deads ingel syn wjukken oer hjar hinne en brocht de siele omheech nei de Himelheit, Dy't Syn berntsjes thûshellet op hiel oare tiden as de berntsjes it forwachtsje.

Krekt fen tofoaren hie hja in pear heldere healûrkess hawn. „Ik wit it wol,” hie hja stammerjend útbrocht, „ik moat hjar wei, ik moat myn Melle, ús lytse Freark en ús lytse poppe forlitte.”

Hy mocht hjar net mei ûnwierheit paeije, hy koe 't ek wol oankommen sjen. Mar mei moeite koed er him goed hâlde. „Myn famke, myn wylke,” lûstere er, en it wé flime yn syn kiel op.

Efkess laei hja to stoareagjen, do bigoun se wer: „wist yet wol, hwet wy nêts trije wiken bipraet hawwe? En nou kin ik der dochs net bywêze. God hat it oars mei my fen doel.”

„By God binne alle dingen mûchlik,” brocht er út. „Hy kin dy nou ek yet wol better meitsje.”

„Jawol, ik scoe ek graech by jim bliuwe wolle,” efkes skokte it hjar, — mar do holder, „sa't ik oan mysels fiel, den moat ik mei

gauwens forreizgje. Mar as ik nou hjar wei bin, scil it den gau barre, ja?”

„De earste Snein hear,” hwet hat God it al oars mei ús foar as wy ús foarnomd hienen tocht er, mar hy woe 't net sizze, hy woe 't syn stjerrend wylke net moeilik meitsje.

„'k Tocht sa pas yet: hiene wy him do mar dope litten, dostû der my op oanstieste, den hie ik dat ek yet bilibe; ik wier mis, dû forjowst my dochs?”

„Ijeafste, hwet oars? — Scille wy nou yetris mei elkoar bidde?”
Hja knikte. „Graech.”

Hy hoechde net om warden to siikjen. Al syn eangsten, al syn sielesnokker, al syn huver for de dûnker oanweagjende takomst moast er sizze, en ek for hjar wier syn ynlike bea, det sy geant mochte yn frede, yn frede der mei det sy sa gau hjar man en hjar berntsjes forlitte moast, en yn de wissichheit dy't it gelove oan de stjerling jout; ek det sy sùnder al to greate binaudheit út dit libben skiede mocht. Wierne net Gods ingels om hjarren hinne, do't hja hjar sa oerjoegen oan de God der geisten fen alle flêsk?

Nei it „Amen” bleauwen hja yet in toarn stil yn from neipeinzgen, de hinnen yn elkoar klammere, by elkoar toevjen. Hja wier de earste dy't wer warden foun. „Myn Ijeave jonge, myn lytse berntsjes. Och, lit hjar hjar yet efkes komme.”

Stil-bidest, mei greate iepene eagen stie Freark by memme bêd. It woe mar net yn him del werom mem nou net wer better wirde koe. As mem nou sà die, wier der ommers nea't oan. „Myn berntsjes, myn Ijeaflingen,” sei se, en do tsjin Melle: „och hâld my Ate yet efkes ta. Ja goed, sa, hjar mei it lytse foarholtsje.” Hja hâldde hjar lippen der krekt tsjin oan. „Hjir komt it hillige wetter, nou? Dit holtsje oan Him, ja?”

Melle seach det it hjar to oermânsk bigoun to warden. „Us berntsjes oan 'e Heilân. Mar nou moat Japke nedich wer rêt nimme.”

Hja liet hjar sizze.

Dat wier de Sneintojoun en de Freeds dêrop wier hja to hôf brocht. — — —

Sa gewoan lyk as altiten gyng it folk dy Sneintomoarne nei tsjerke ta. It wier blier sinneskynwaer en de measte wieren hiel monter en fleurich.

Votum en segenbea wieren útspritsen en nei it earste fers sjongen

moast it Doopsfoarmulier foarlēzen werde. Alde bikende wirden, neat oars as oars.

Mar do't Melle foar de preekstoel kaem wier der dôchs mear as gewoane stiltme. Hwet wier syn antlit bleek en bifallen. Laeijen net op dy troanje de teikens, det yn dat herte in gjalp fen smerten gear-krongen wier?

Dêr stiet er, allinne, --- en allegear moatte tinke oan hijar dy't oars by him stean scillen hie, as God it net oars biskikt hie.

Ek dominy wier oandien. Hy hie it leed fen dy jongeman him nei nommen. Hy koe him it triljend „ja” ta antwird op de fragen, yntinke.

Dêr giet er by de preekstoel del.

„Ate, ik doopje dy yn 'e namme fen de Fader, en fen de Soan, en fen de Hillige Geast.”

O dat stuit! It wier Melle as in sijnsjende skok. Oer de blidens it berntsje fen Godsels opnommen to sjen weage mei swypkjende faesje de rouwe tins: oars hie *hja* my nou op 'e side stien, oars hie hijar *ja* him mei mines forboun; dizze dei is de tiid dy't we mei elkoar ôfpraet hiene, *hja* woe dit mei eigen bywêzen bilibje en nou, nou moat *it der sùnder-* —

Hy waggele ta de tsjerke út. — — —

FETSE GREIDEMA.

Earste kear.

„Nou?” It âld minske hie it eigentlik net to freegjen hoegd, *hja* koe 't wol oan him sjen. De tearen op syn forware foarholle wieren glâns-oertein en yn syn eagen wier dy ljochte fûnkel, dy't him eigen wier as it sa hiel goed wier. Ja noch suverder as ea fen tofoaren, like it hijar ta.

Sa pas ûnderweis hie *hja* him net freegje wollen. De minsken hoegden dat sa net to forninnen. 't Wie' wier, 't wieren nou hijar broerren en sisters, mar dy hiene ek hijar eigenheden, det men yen net altyd útsprekke koe. Sa wieren hija stil mei mankoar oproun, inkeld in wird-mannich oer 't waer wikselsejend.

Mar yn 'e hûs, hijir, dêr't hija folle ljeafs preaun en gânsk leed

droegen hiene, en hija altyd hijar siele útsein hiene, hijir mochten hija hjar uterje.

„O, dû hiest gelyk, dû hast al tiden gelyk hawn.” It brûsde fen syn lippen. Hja moast him forheard oansjen.

„Ja nou,” wier hija tank, „myn âld man soarge der tofolle tsjin oan.”

„O ik bin sa lokkich, sa ynlokkich det op 'e âlde dei ús dat noch barre mocht. Ik doarst net, ik doarst net. Mar ik haw tofolle op mysels omdikere. En dêrom salang myn Jezus foarbysjoen.”

„Ja en wist' noch wol, lêstenjous do't wy nei de tsjerkerie scoene detst noch wer útwynsels sochtst? It waer wier net geskipt, wy koene yn dy fiif minuten traepjen ris kjeld skypje.”

Hy moast der efkes om glimkje. Hy, de âlde skrepper, dy't oars om waer en wyn net joech, hie do om in sigentsje en in pear drippen wol thús bliuwe wollen, mar it hie djipper sitten. De oerdeis hiene hija it ôfpraet, it scoe dy joune wêze en yn 't jounskoft wierne alle âlde swierricheden wer boppe driuwen kommen.

„En do't wy fen 'e moarn nei tsjerke scoene, skoarrest der yet sa tsjin oan!” forfette sy.

„Wis, mar ik woe earlik bliuwe, miende ik. Bin ik nou in Christen, wîrdich dy rike skatten fen it nije forboun?”

„Wy binne neat wîrdich, mar wy moatte leauwe; allinne it gelove kin ús lokkich en sillich meitsje, wirdt der ús leard, en ús herte moat dêr dochs ja op sizze.”

„Dû hast gelyk, en do't ik sa pas yn 'e tsjerke siet, en dominy oer de dierberheit fen it Evangelie preke, en det Jezus kommen is for it forlerne en wy ús oan Him oer to jaen hawwe sa lyk wy binne, folstein, do trille dy wierheit troch myn herte en myn each seach unbihindere yn it sêft strieljend ljocht op. By it brea haw ik it britsen lichem fen Christus en by de biker Syn forgotten bloed oanskôge. For myn sûnde, for myn kwea, moast ik tinke, en ik seach det myn bilidenis wierheit wier. Nea haw ik lokkiger eagenblik bilibbe. It scoe my folstein west ha, hie mei-iens my net de tins oankaem det ik, mei myn net-doarren, dy ek tobekhâlden haw.”

Efkes biloek hijar troanje. „Ik leau ek net det ik der goed oan dien haw. Mar wy hawwe al salang mei mankoar libbe, det altyd myn freegjen en útsjen wier det wy dêr ek mei mankoar klear for wirde mochten. Ik hie der wol earder tsjin oan doarren, ik hie wol graech

wollen, mar it dych my sear det ik h̄jiryn de foarstap hawwe scoe. Ik wist it oars wol better: for God binne wy twa, en ik bin for myselfsels forantwirdlik. Mar it froulike yn my hālde my tobek, wol 'k leauwe. Mūchlik wier 't ek forkearde selssucht dy mei ha to wollen." Efkes stūke it petear. Mei de hannen yn 'e skerte seach hja fordel as yn stille bea.

„Ek dit scil God ús forjaen wolle, lyk as Hy ús folle forjowt"; hja sei it mei fochtige eagen.

Do kaem it húshåldlik aerd wer boppe. De kofje waerd útgetten, in houtsje ûnder it iten treaun en efkes ûnder it lid sjoen ef de jirpels hast nôch wierne.

Sa waerd it iterstiid. „En wit myn âld man wol hokker bigearte ik nou noch altiten haw?"

Ja, hy wist it wol. Mar it wier al wer datselde. Hy dêrta geskikt? Né, dat koe net.

„To nou," trune hja oan, „doch dât nou ek yet; dû witst wol det it dyn plicht is. De bern binne der út, dû hoechst der dy net oan to steuren, al scoe it der hwet krûm útkomme."

„Om de bern net, dât is wier, mar der is oars Ien, dy't it heart, en wy meije dochs net mei al to breklike tael foar Syn troane komme, wol?"

„Och to nou, it komt op de ynhâld oan, en eft wy mei in wiere bea for Syn antlit komme."

Hy wier yn twastiid. As er tocht om it lok fen de moarntiid, dy kostlike, dierbre preek, dat mei-oansitten oan 'e tafel fen it Nije Forboun, dat lichem, dat bloed, ja den moast hy it sizze, dy Jezus, dy Kening moast hy op Syn wird bitrouw. Hie Hy it net ûnthjitten det de Geast yn alle wierheit liede scoe, en mûle en wiisheit taskikke? Mar seach er wer op himsels, den skrille er der wer for tobek. 't Scoe net gean. Yn syn stille bea herhelle er faek en dikmels deselde warden, yn 't iepenbiere by tafel scoe dat dochs net kinne.

Mar as syn Heilân, Dy't him wissichheit jaen woe fen it ivige libben, it nou fen him frege, mocht er den wol wegerje? Heerde hy den net by it folk dat as in hillich folk, in keninklik prysterdom yn 'e wrâld stiet, om to forkundigjen de deugden fen Him, Dy't hja út 'e tsjusternis oerset hie yn Syn wunderhearlik Ijocht?

Deun gyng syn Eke by him sitten. „Myn Lolke skammet him dochs net for my?" Hja laei hja hân yn sines en seach him djip-

ynlik oan. Sjuch, der wier forwachting by hja, as nês goed fjirtich jier do't hja omgong mei mankoar krike hiene; mar nou in forwachting dy't heger en hilliger wier. „Ik mei it dochs net dwaen omdetstu dat fen my fregest?"

„Ik wit it, mar ik mei dy dochs wol oantrúnje ta dyn plicht, yn dyn hûs, tsjinoer my?"

„Dû hast gelyk, lyk ast sa faek gelyk hiest. Mar de died wirdt fen my frege. En dat is slimmer as it wîrd."

Hja seach wer foardel. Wier der by hja ek noch sûnde yn hja bigearen? Hie hja net faken jeloersk west op hja kammeraetskes fen eren, hwaens manljue yn 't hokje sieten ef oars yn tsjerklike saken bihelle waarden, towylst Lolke as gjin bilidend lid dêr nea komme koe? Hie hja nou, mei oan to stean op syn foargean yn gebet der ek noch forkearde bidoelings mei, det hja hja sinnen sette koe op goede warden dy't kamen út 'e mûle fen him, dy't hja ynlik ljeave? —

Hjar bidde om suvering.

Ek yn him wier de bea. De bea om réëns ta hwet syn plicht wier. Mar scoe Jezus sels net yn Syn discipels sprekke, lyk Hy biloofd hie? Scoe de Geast syn lippen net bikwaem meitsje?

„Us Heit, Dy't yn 'e himelen is," hy waerd hast kjel fen syn eigen warden. En dochs, ho forlichtsjend wier it him. Syn herte wier ynlik oandien fen 'e segen, dy't de moarntiid hja bracht hie, en syn lippen moasten dat uteurje. O siker, hy hie de warden nou mar for 't krijen. Syn God joech se him. En hy frege om de segen oer de spize. As in bern; ienfâldich. Sa woe God it ommers ek ha?

Do't it Amen útspritsen wier, bleauwen hja efkes hiel stil nêst elkoar sitten, deun as yn de tiden fen 'e earste ljeafde; dit wier ek earste ljeafde, mar nou heech, himelsk, hillich.

En Gods sinnestrielen boarten om twa ljocht-opteine nije-gastelik foriene minskebern.

FETSE GREIDEMA.

Fryske Folksskriuwerij.

It is in saek fen it heechste bilang, det wy ús bisinne op de krêften, dy't in folk foarmje en opfiede. Dêrta heart ûnder mear it

Simmernacht.

O loaits ho't nou oer d' ierde
Heim'ge wünders gean,
Lyk inkeld ús yn dreamen
Ta oanskôging bean.

Yn 't bôgjend dûnkerblauwe
Glânzget hjel in stjer,
Hjar glâns rint oer it wetter
Trinten hinn' en wer.

In sigen lûstert efkes
Yn it beamte om,
En giet den nûndrjend fierder,
Patsjend raei en blom.

Al soeijend sjongt de reidseam
Sangen swier en drôf —
Ho ynmoai binn' de lûden
Deunby en fierôf!

Oer d' iepne, romme fjilden
Waret dauwe roun;
Elts ding is tear en heimich
Mei in waes omspoun.

En wite, rûge wolkens
Sile it loftrom lâns; —
Oer 't drôgjend doarp leit séftkes
Moanne's silvren glâns.

Sa sjuch ik tûzen wünders
Swiid oer d' ierde gean,
En 'k mei dêrynen de greatens
Fen myn Heit forstean.

Clifton, N. J. N. A.

B. FRIDSMA.

Boeketafel.

Jongfryske sangen. Earste gearjefte. For it Simmerkamp fen 1922 op Skiermûntseach. Utjefte fen it Ynstítút for Fryske Folksûntjowing.

Kalma mei inkelde fen syn frjeonen en frjeondinnen skoert der jiers in deimannich út om op ien fen ús Fryske eilannen him to ûnt-

jaen. Nou hat er 33 sangkjes makke dy't hja der mei-elkoar ophelje koene. Ien mei oar scil for hjarren wol moai wêze. Graech scoe ik sizze wolle det de lietsjes dat ek allegear wierne. Ik scil dat âldmoadige *Ta it iten* mar slûpe litte; mear biswier haw ik tsjin Kalma syn filosofy op rym, de sterke oerdriuwings en it forfallen yn gauris itsclde sizzen, dêr't b.g. it rinnen fen 't ljocht en it gean fen 'e jounen biwys fen leverje. Ik met yn Kalma syn wirk to min stille krêft, suvere fisy, rêtstige útbylding en dy sêfte glâns, dy't mei dimmene klearens ús himelhichten en kimewidens skôgje lit.

It measte haw ik yet mei syn forteeltsjes op. Dêr binne peareltsjes by fen blanke flûnker. As Kalma dêrmei trochgyng koed er oan Fryslân yet wol hwet suvers leverje. Mar den moat er syn oerstjûrens steesoan bidimje. It idé om mei sangkjes ûnder it folk fen Fryslân to kommen, is op himsels net min. Men kin den yetris harkers krije ûnder in slach minsken dy't oars net fen de Fryske biewing witte wolle.

A. W.

It nije Fryslân. Bigjinsel, stribjen, wirk en organisaesje fen de Jongfryske Mienskip, by J. Kamminga to Dokkum, 1922.

As bigjinsel jowt dit boekje aan det it de „Jongfryske“ Mienskip to dwaen is om de bifrijing út tsjuster en ûnwitnis ta de ûntjowing yn it ljocht fen wierheit, frijheit en skientme. Sy leauwe yn it kommen fen in nije libbens-godstsjinst, dy't God forsteaen scil as it ûnneambere Wêzen dêr't alles yn bistiet en yn libbet, en dy't de minske seedlik leart to forsteaen yn de stimme fen syn hert, it gewisse. En hja leauwe dêrom aan de ûntbinning fen de tsjerken, om't de minske mear en mear leare scil to forsteaen det syn striid wêze moat, yn it hiele libben it Heechste to tsjinjen.

Ik haw hjur sa goed as wirdlik oerskreaun. Wy witte dos nou ho't hja der ûnder steane. Mar ek, det de skied twisken Christendom en net-Christendom, lyk dat yn 't Kalma-stribjen útkomt hwet langer hwet dûdlikek him foar ús each ôf bigjint to teikenjen.

A.W.

Fen Fryslâns groun. Geologyske sketsen fen Dr. J. Botke. Snits. Brandenburgh, Boschma en Co. (Priis f 2.25, mei 63 illustraesjes.)

Hwa scoe dat nêts in jiermannich tocht ha? In biwittenskippe man dy't yn linige styl oan 't âlde folk fen 'e heitelânske groun forhellet. Yn for elts bigripelike wirden leit Botke ús út ho't it yn 't hiel foarige der hjur útseach. It tertiair, it diluvium, de iistiid, it alluvium,

de dunen, de klyngroun, it heechfean, de klæi, de terpen, it wâd, alles kriget syn bar. Dit is nou krekt hwet for de jongerein; der moat folle mear witnis wêze fen ús groun dy't wy troch in dei biarbeidzje. En dat nouris net yn 'e earste pleats om de jildlike winst, mar om de geastlike kinde dy't men hjiрут opdoch. Sa groeit der wer in jong Frysk laech op yn 'e ljeafde fen it witten.

Lit my, om der each op to jaen ho't de skriuwer him syn taek tinkt, hjur in pear rigels oerskriuwe.

„Men hat wolris sein, dat sa gau de wittenskip him bimoeit mei de âlde oerleverings, it moaije, it dichterlike der ôf is. Ik for my, leau dat net, mar mien, det ho better men de natûr bistudearret, en ho djipper de geast him yn 'e skepene wrâld ynjowt, nammersto moaijer en dichterliker alles wirdt. Neffens de oerlevering hawwe de kliffen fjûrpoelen west mei reekwolkens, dy de loft fortsjusteren, mar de wittenskip seit: hja binne hjur hinne skoud troch it kâlde iis út fiere Noardlike kontreijen; de oerlevering lit de tongerstien út 's loft delkeile, as de tonger raest en beart, it wittenskiplik each sjucht se libjen en forwegen yn 'e sé, sjucht se opsletten wirden yn 'e fjûrstien-kloome, sjucht se mei de machtige iisstream hjur yn ús lân kommen. Scoe men folhâlde kinne, det de wittenskippelike sjenswize prozayker is?“

Op dy lêste fraech scoe ik sizze wolle: den moat oan it folk it wittenskiplike foarhâlden wirde lyk Botke dat dochter, en gjin „Pluizers“ en „Cijfers“ moatte op 't aljemint komme. For oannimmelikheit en fordûdliking binne de teikeningen yn 'e tekst ek tige.

Der hat in tiid west, dat de Christenen fen dit soart wittenskip net folle ha moasten. Stéfêst miende men det it hielal net langer as sa'n foech seis tûzen jier bistien hie. Do kaem de geology op, en biwiisde det ús ierde ûneindich folle âlder wier. Dat wier in geskikt middel om it gesach fen de âlde Bibel ôfbrek to dwaen, waerd troch de net-leauwendens ornearre.

Wy witte nou better. Twisken it earste en it twadde fers fen it earste kapittel út Genisis kin maklik in tiidrek fen miljoenen jierren lizze. It is de Bibel yn 'e earste pleats om de minske, mei syn forhâlding ta God to dwaen. Den moat de geology him mei in behindich plakje tofreden stelle.

Mar in forkearde kant giet it út as nou de geologyske wittenskip ek de Skepper mar bisiden bliuwe lit. Dêr't de Skepping trochgroune

wirdt, mar gjin praet is oer de Skepper en Underhälder, dêr is in negearjen fen de Oarsaek en in op 'e troan setten fen 'e Gefolgen, dêr't de Christenen hjar nea mei forienigje kinne. Dât haw ik op Botke syn wirk tsjin, ho wolkom it my oars ek wêze mei.

Dy't miene scoe det mei it trijetal oanjowne printflaters de saek yn 't reine is, scoe mistaeste. Neiby alle blêdkanten hawwe der yette.

A. W.

De beam fen Berséba. Taspraek fen Dr. G. A. Wumkes (hâlden by it priissjonganen fen it Christlik Frysk Selskip to Ljouwert op 27 Septimber 1922). Utjeft: A. J. Osinga, Boalsert. Priis f 0.20.

Mank al it hearlike dat ik op ús lêste Priissjonganen bilibbe haw, scille trije dingen my net maklik út it ûnthâld reitsje. En yn dy alle trije trillet de wémoed.

't Wier daliks al sa by it iepeningsword fen ús Foarsitter. Dat oantinken aan Mefrou fen Dyk, foar in jier yet sa fleurich en meilibjend, nou als nêssiken en moannen dellein yn it stille grêf, — né, fortein nei hearliker oarden; mar dochs neisjoen mei de djipste forsleinens troch him, dy't syn liet út 'e bernetiid dêr troch útdwête wit.

Hearlik dy suvere sangen! Binammen fen it earste priis winnende koar. Mar wer dy oandienens. Ho scoenen we yn sa'n twingende bân 't lofliet rjucht júblje fier fen tempel, fier fen tempel en heitelân? Binne wy yn eigen lân ek net yn twingende bân fier fen tempel en it suvere earjen fen it heitelân?

Den — it wirdfieren fen Dr. Wumkes. By alle hertlikens fen it hantsjeklappen dêr't Wumkes mei forwolkomme waerd, moast ik dochs tinke oan it moeisume paed, dat dizze man to gean hat, dy't by syn fûle skreppen for eigen tael sa faken misforstien en delslein waerd. En do syn wird. It Friezendorp in stekling. De Fryske biwegingweisinkend yn it neat, by oare biwegings forlike. It Fryske sunder in skriftendom, dat meitelt yn 'e wrâldliteratuer.

Alwer de wémoed.

Dochs, — al mei it spylark hingje oan 'e wylgen, wy fortwivelje net. Der bliuwt hope op 'e takomst. Us help is yn 'e namme fen 'e Ivige God. Hy seinigje de beam fen it Fryske heitelân.

Sokke redefierings bikritisearret men net, mar keapet en forspriedit se, hwent eltse Christenfries moat dit kostlike wird lêze en wer lêze. Sa forsoargje wy de lytse stekling.

A. W.

Ta it Hillige.

1. Snjeontojoun.

Wiid yn 'e stiltme fen 'e goudene rēst leit Jins golle frede oer de slūgjende neisimmerlannen; en blanke stijrresprankels skitterje oan Jins hege himelfierte. Sa mei ik de blidens priuwe fen yn Jins myldens, o Hege himelheit, my formeitsje to kinnen, om to oanbidden foar Jins genedetroane. Jy wierne wer in wike oanien goed en woldwaende. Jy stipen my ta it wirk dat Jy my yn segen to dwaen joegen. Fen moarntiidsdage oant jountiidsrea. Jins goedens wier om my hinne as ik troch de lannen swalke nei 't fredige fé, Jins krēft die my bystān yn 't hetsige wirk by sinnebrân en soelens, Jins treast wier my nei by tsjinstuit en delslach. En bliid mocht ik amje yn Jins wide romten, yn Jins hearlike frije, ivige en ek ivich forwikseljende natûr. O Heit, yn 'e himelseale, Jo allinne komt de tank dêrfor ta. My net, en minsken net, om ús sünden, om ús great-wêze willen, ús woedzjen tsjin Jo. Hwent by al Jins goeddwaen wierne wij jimmer opstannige bern, dy't hjar tsjin hjar eigen Heit yn de greatste ûntankbrens to skoar settene.

Mar Jy wierne barmhertich, en ha Jo lankmoedich oer ús ûntferme: hwent Jy witte det ús sünden ús dea wêze scoene as Jy net mei Jins Geast ús it libben tatochten. Jow ús, o God, det wy altyd mear yn ús forhûge wêzen ússels forlieze yn 'e blidens det wy om it bloed fen ús Heilân, Jins bern, en erfgenamten fen ûneindich hearlicher skatten binne as ea yn Jins earste skepping for ús skitterje.

En nou lizze wy, yn earbiedich lústerjen to wachtsjen op Jins Snein dy't to kommen stiet. It binne Jins Sneinen dy't ús moed jowe ús dagen yn to gean, it is it witten fen 'e opstiene Christus det wy opstean en útgean kinne ta ús wirk. Altyd mear moatte wy ús fornoegje yn it folbrochte wirk fen ús Heilân, dat it folseine is, wylst sels yn ús bêste wiken ús wirk yn swakkens en ûnfolsleinens forruchte wirdt.

Jow ús moarn wer de rēst fen Jins Snein, en lit ús by de ein fen ús wiken yngean yn de frede fen de ivige Snein yn de suverste folleinens. Amen.

2. Foar de preek.

Nou meije wy wer hei Jins folk opgean nei Jins hûs, om to lústerjen nei it forkundzjen fen Jins ivich wurd, o trouwe Heit yn 'e himel. Tûzenen by tûzenen bûgje yette foar dat wurd, en dat is ús goed oan ús siele. Hjir is de mienskip fen 'e hilligen. Wy smeekje om in segen for ússels, en ek for ús broerren en sisters yn 't gelove. Untfermje Jo oer Sion, oer de forbroazeling fen Jeruzalim en byn ús mear gear ta ien folk, dat allinne harket nei it lûd fen 'e goede Harder.

Jow Jins segen oer it wirk fen Jins feinten dy't it Wird to bistjinjen hawwe. Al scoene hija Christus ek mei in deksel oerskade forkindigje, en mei der sündich minskewirk mei mank gean, jow o Heare, dochs Jins segen yette. Bisterkje al Jins tsjinders, hjar dy't sprekke, hjar dy't harkje. Op Jo is ús forwachting fen âlde tiden ôf.

Lit, lyk de Ijochtiesters troch de ruten fen ús hillige gebouwen oer ús hollen sweevje, it Ijocht fen Jins Evangeelje skine yn ús fortsjustere en op 'e doele rekke herten. Lit it wird ús ôfmoanje fen de sünde en ús liede op it suvere paed fen Jins gerjuchtichheit.

Sa steane wy ré om Jo it offer fen it Nije Testamint op to dragen yn mienskiplike bea en psalmsang, yn it hertsfornege lústerjen nei Jins Wet en Wird. Nim dat offer oan o Heare, lit it as in Ijeaflike swietrook komme ta Jins genedetroan. Dat it Jo ta eare wêze mei, en wy bisterke wirde yn it wiere gelove dat yn ús tiid op alle manearen oanfallen wirdt. Lit der bliuwe de sauntûzen dy't net foar it byld fen Baäl fen ús tiid knibbelje, det wy meielsoar it lofliet stimme meije ta Jins eare, en wy, as sielebisibben ús oan-inoar forboun witte, reizgjend nei it sté dêr't wy Jins Wird net mear fenneden binne om't Jy dêr sels Jins hearlikheit folstein oan ús iepenbierje. Amen.

3. Ta Jo.

Ho scoe ik myselme net forlieze yn Jo, myn Heit en myn God, det Jy my, sa sündich en bidoarn ik bin, en ho ûnrein ik foar Jins hillich antlit wêze mei, dochs oannimme as Jins bern, ta in erfgenamt fen it ivige Ijocht dat as in goudene striel oer myn siele siigde! O sillich dat leauwen, dat blide witten det yn 'e kennisse fen 'e Ienige en Trije-ienige God it ivige libben myn ûnforgonklike skat is. It is my

to oermânsk, is is my to great. My, dy't as in tûchje yn 'e moude ta-hold, wolle Jy as in blom yn Jins tune forsoargje.

O dy riten fen útsjen nei Jo! Dy polsking fen myn herte as myn each Jo net sjucht, as myn siele de bidimjende rêt fen Jins Hillige Geast net bilibbet! Den huvret myn siele yn 'e ienlikheit fen it forlitene fjild, den snijt de skrouskes wyn om myn forskronfeljend antlit. Mar ik wit it, o Heare, it wier myn skild en myn sûnde en myn net-harkjen nei Jo.

Mar myn herte teart iepen, en myn each loaitset de glânzjende himelwidens, as ik my wer nei Jo bijaen mei, as Jy my nei binne. Nea kin ik rêt fine, blidens noch sounens, as ik dit siikje bûten Jo. Myn herte, skepen fen Jo, himet en longeret nei Jins Ijocht.

Lit my mear ôfstân dwaen fen myn ik, fen it heechmoedige dat my oanfiltert, det sôls God wêze wol, en sôls hearskje. Jo moatte waeksje, mar ik ôfwjud wirde oant de dei kont det Jy alles binne yn allegearre. Amen o Heit.

4. Sneintojoun.

Hjoed wier de dei as in wûnder oer ús, Jy wierne ús tichtoan mei Jins genêde en Jins Hillige Geast. Ho flûnkere it goud fen Jins hillich Evangeelje! Ho heuchlik wier it wird fen 'e forlossing dy't der is yn Jezus Christus ús Heiloanbringer! Ho swiid is Jins genêde, ho ûneindich Jins Ijeafde!

Us dagen geane faken hinne yn driuw fen it baernende wirk en hetsige hastigens, mar op Jins Sneinen noeget Jins lokjen ta rêt, ta selsynkear, mar ek ta 't geniet fen 'e skatten dy't Jy yn 't Nije Forboun oan sûndaers taskikke, ta it drinken fen 'e wyn en de môlke dy't Jy omdôch ús jowe. Hjir is it libben fen ús siele, hjir it sêdzjen fen ús longrijend herte.

Mei Jins frijkofte gemeinte gyngen wy op nei Jins hûs; dêr waerd Jins Wird ús iepenlein en forkindige. Hok in formeits wierne ús de psalmen ta Jins eare, wier it mei-inoar bidden en tankjen ta Jins forhearliking!

Mochten der mear komme. Mochten der mear sûndaers hjar ôfkeare fen 'e stikels en it tûch fen 'e sûnden, en mochten hija gean yn 'e friske mieden fen Jins tsjûchnis. Wol Jysels o Heare de swet-

ten fen Jins keninkryk útsette. Det doarmers yn nacht en skaed de ljochtsjende dage oer it romme gea fen Jins ginsten fine mijje.

Det dit hichtepunt ús leauwen en hoopjen ta segen wêze mei, det wy al mear Jo ljeavje mei hert en sin en forstân, oant wy ré binne for Jins ivige Snein yn it Heitelân. Amen.

SNEINTOMOARN

In silvren let
Ut fiere toer
Driuwyt noegjend-swiid
De fjilden oer.....

Ik hear sa jern
Oer miede prûs
Dy fiere rop
Nei 's Hearen hûs.

En 'k tankje God
Det ek dizz' moarn
'k Wer noege wird
Mei klokke toan,

Om op to gean
Mei sibbe en frjeon
To hearren 't Wird
Fen Him biskreaun.

It Libbenswird
Dat frede biedt,
It Wird dat ús
Ta Christus liedt.

O 'k hear sa jern
Oer miede prûs
Dy fiere rop
Nei 's Hearen hûs.

Teare Lieten.

I. Hwet stils is oer myn siele gongen.

Hwet stils is oer myn siele gongen,
Hwet weeldeblids fen sneintojoun;
It wier dy blanke mimerstoun
Do't fiere lûden 't hjerstliet songen;
Dat wierne Jy, myn God, myn Heit
Dy't yn sa sêfte flûster kamen,
My yn Jins golle earmen namen
M' oanheljend as in feint syn breid.

Jins myldens sveve oer wide lannen,
Jins suvrens sonk oer 't swijsum gea,
Ta damp fen poarper raende it rea;
En 'k wier in bern mei fâldne hannen:
„O Hear, ho hearlik binn Jins hjersten
As wiid oer 't fjild foltôging tynt,
As ier de sinne rête fynt
Yn 't gouden dauwe-omweve westen.

'k Bin yn Jins golle hjerstiid berne,
En jimmer hat de rispinghjerst
Myn longersiele dierber west,
Dêr't blank myn eagen d' iepnens sjenne.
En 'k freegje mei in dimmen lûd,
As scoe ik al to swier bigearre:
— 'k Scoe graech sa'n hjerstjoun stjerre o Heare,
En stil ta myn bistimming keare,
Lyk op Jins fjild 't útwoechsen krûd.

II. Wist if yet wol?

En wist ik yet wol fen dy triljende joun
Myn fankebern do't ik dyn herte foun?

Sa bloejend en blank wier de hillige snie
Dy't noedzjend de fjilden oerditsen hie.

De beammen stien' ljocht mei hjar fûnkljende fracht
As earmen fen swijnde ljeafdemacht.

It goud fen 'e stjirren yn 't dounzige blau
Wier sprankeljende neaming fen suvre trou.

En moanneljochtslielen yn wijinge blank
Forsilvren de wazige wolkenbank.

En hearden wy net as in fiere muzyk
De glimkjende twang út it dreameryk?

Do frege ik dy hoeden myn hertbea;
Dyn each wier sa trantel, dyn wang wier rea.

En wist it yet wol fen dy mijende joun
Myn fanke fen do't ik dyn herte foun?

Do wierste sa skrunten, stil-dimmen dyn hert
As ealge it fen 't libben de ljeafdesmert.

Dyn hearlike pearel, dyn fûnkeljend goud
Dû hast it ynfieren dyn feint bitroud.

Ho scoe ik net noed stean fen 't langjende hert
Dat rein oan 't wijng fen ljeafde heart!

O, lit it my hoedzje tsjin skildige die,
O, mocht it my bliuwe lyk fûnkelsnie.

III. Wy stiene by de daem togearre.

Wy stiene by de daem togearre,
Yn 't ryshout njuente in fûgel sêft;
Dû stiest dêr yn dyn keine krêft,
En 'k mocht dyn blanke warden hearre.
Ho glânzgjend wier dyn skitterach,
Ho sêft dyn waermbleure wangen;
It wier in stoun fen stille sangen
Omweve fen it jountiidsreach.

En 'k sei dy hiel myn teare herte
 Myn amjen en myn gean nei 't ljocht,
 Ik haw dy al myn sangen brocht
 Oer hwet me yn 't skymrich libben mette,
 Oer 't rissljen fen 't licht niigjend reit,
 Oer 't sweevjen fen Gods dauwe,
 'k Mocht myn bilibjen dy bitrouwe;
 En wier 't dyn siel net sillichheit?

Wy toeven by de daem togearre
 Eft dêr in blanke tempel wier
 Mei pyldertrêft, mei himelsier
 Yn 't fûnkelljocht fen hege stjerre;
 En tankjend sei ús mûle sêft:
 — O God ho dierber binn' Jins dieden
 Yn herteljocht, yn willemieden
 Yn blombikrânze jountiidstrêft.

IV. Myn stille tinken.

Myn stille tinken is oan dy
 Sast' ljocht yn 't jounrea kaemste,
 En hoedzjend as in ingel my
 Yn waermis fen earmen naemste.

Dû witst it fen myn longersmert,
 Ho 'k lang nei ljeafde smachte;
 En núndrijend hast' myn dimmen hert
 Mei bliids fen blom oerljachte.

Dû leardste my dat lottre liet
 Dat op myn dei my hoedet,
 En yn 'e nacht fen fûl fortriet
 't Missen fen 't ljocht forgoedet.

En lichter giet myn wiffe foet
 Oer ierdes skerpe klingen;
 Dû witst de trien yn 't skolprjend moed
 Ta laits fen liet to twingen.

„Harmonie”, Menaem. De opfetting fen „Lette hjerst” is tige goed. Mar alles is net hwet it forline jier wier. Der leit hwet in „waes” oer ‘e stommen, lyk as oer alles. Oan ‘e „alteraties” moat mear soarch dien wirde. Ik tink b.g. oan de accorden boppe „dea-bêd” en „memento mori”, dy’t allebeide sa goed as mislearje.

It klankgehalte is hwet slop. It ynsetten, binammen yn ‘t frije nûmer moat sekuerder oanjown wirde.

Utslach: Twadde ôfdieling: Rinsumageast 83, Sleat $76\frac{1}{2}$, Sweachwestein 76, De Knipe $72\frac{1}{2}$, Heech 71, Alde-Biltsyl $66\frac{1}{2}$, Nijehaske 66 en Feanwâldsterwâl 64 punten. Dos Rinsumageast de 1e en Sleat de 2e priis.

Earste ôfdieling: Dokkum $90\frac{1}{2}$, Ljouwert 85 ,n Menaem $82\frac{1}{2}$ punten. Dokkum de Greate Rougongspriis, Ljouwert de twadde priis.

Teffens út namme fen ‘e Hearen Jac. N. D. Hoogslag en J. Wierda, Ljouwert, Okt. ’22.

R. BEINTEMA.

Taheakke oer ‘e Útspraak.

Mei inerlike nocht mochten wy harkje nei ús Koaren, dy’t yn de âlde, djippe en swielûdige memmetael hjar lieten songen. Der wier foarútgong, rekkene by ‘t foarige kearen. Der wieren mar in pear koaren dêr’t fen sein wirde moast: it djippe en foarse fen ‘e tael kriget in knoei. De missetten sieten yn it net goed útsprekken fen inkelde worden. Hjir jow ik de slimsten.

Nijehaske. Ynpleats fen *each* song dit koar *éch, forwachtsje* mei *for* lyk in Hollander sa’n wurdliid útsprekke scoe, *skoep* sûnder Fryske clam, *roaikje* hearde op *roeikje, foarjier* sûnder „Umlaut”, en de dichter syn rymwird *klokkelûd* waerd foroare ta *klokkelûd*.

Feenwâldsterwâl. *Stjt* ynpleats fen *stiet*, *éch* for *each*, *Ijochten* ynpleats fen *Ijachten* (in „forbettering” fen it stik dêr’t letter de Knipe, SweachWestein, Sleat, Heech en Alde-Biltsyl hjar ek oan bikkweadigen), *gjut* for *giet*.

Sweach-Westein. *Stjt* for *stiet* (twaris), *bineare* as *bòneare*.

Sleat. *Fierder* mei útspraak *fier* en *fjir* trochinoar, *bielden* for *bylden*, *sjoch* ynpleats fen *sjuch*, *nou’t ik* sûnder *t*.

Rinsumageast. Hjir wier wâldtael. By waerd as *bi* en net lyk as gewoanlik as *bij* útspritsen, dat tige goed is, mar *nei* waerd *nij*, en *wei wij*, dat der net hielendal op lâns kin. Ek *hâld* en *biwâld* mei in sleau útein fen it wird.

Heech. *Bispyld* for *bispield*, *rûmje* for *romje*.

Alde-Biltsyl. *Naist* for *nêst*, *fierder* sùnder „Umlaut”, yet as *jet* dat *jit* wêze moat, *njonkelytsen* for *njunkelytsen*, *troep* for *trop*, *hjar* mei *j*, dat net moat, *natuer* for *natûr*.

Dokkum. *Dise* for *dize*, *deadiske* mei sloppe *dsk*, *ontstjerren* for *ûntstjerren*, *gjit* for *giet*, *dêr* ynpleats fen *der*, *droaf* for *drôf*, *egen* for *eagen*.

Ljouwert. *gjit* for *giet*, *dêr* ynpleats fen *der*, *kening* sùnder *eu*-klank, *jan* for *jaen*.

Menaem. *Dise* for *dize*, *krûpend* klinkt slop, ‘t *ûntstjerren* net suver, *gjit* for *giet*, *dêr* ynpleats fen *der* (*der* is *gjin* witten; ‘t skynt det de noat der oanlieding ta jown hat mei alle trije koaren) *rûst* en *brûst* mei to skerpe útspraak fen ‘e ein-bylûden, *ierde* mei to skerpe *r*.

Punten: Alde-Biltsyl 15½, Sleat 16, Sweach-Westein 18, Fean-wâldsterwâl 18, Nijehaske 18, Heech 18½, Menaem 18½ Rinsumageast 19, Ljouwert 19 en De Knipe 19½.

By it lêste kear sjongen twisken Sweach-Westein en Sleat, spriek Sleat de wîrden út op manear eft der in walm oerhinne laei.

Myn winsk is det wy de Fryske lûden op ús sjongerijen ei ek oeral, àl frisser en fleuriger hearre mejje.

A. M. WYBENGA.

Blêdden út de Foartiid fen ANDRIES

VIII. De dou fen Noach.

Acht dagen hie de heit fen ‘e nije wrâld op it werkomen fen ‘e slûge roek wachte, do’t er yetris syn fûgels oprôp om in boade op forkenning to stjûren.

Skruten fleach de dou him op ‘e earm en hâldde hjar klear.

„Trouwé dochter,” sei Noach, „dû scilst my wol in tsjinstfaem fen goede tyngé wêze, mar ho wolstû de reis dwaen en mei it wirk

Oan de leden fen it Christlik Selskip.

Fen it foarjier hat it Bistjûr fen it Selskip, ynteikeningen for it Frysk psalmboek frege tsjin 10 goune it eksemplaer. It Bistjûr hie de hoop det der faken wol sa'n hûndert ynteikeners komme scoene. Men hie den 1000 goune, dat wier den al in moai bigjin for de printerskosten. En lyk as Gysbert Japiks for syn psalmen de lyst fen ynteikeners ôfprinte hat, sa tocht it Bistjûr fen it Selskip soks ek to dwaen.

Oant nou ta is de hûndert noch net fol: 67 hawwe hijar opjown. Lykwols hat it Bistjûr miend, det de útjefte fen psalmen trochgean moast. Mûlk jowe hijar noch somlike leden op as ynteikeners. It psalmboek scil Krysttiid noch wol net ré wêze, mar it sjit dochs al aerlich op.

It blykt nou det de ynteikeners netolle mei it ôfprintsjen fen 'e stiperslyst yn it psalmboek op hawwe. De measten wolle der wol frij fen, det hijar namme dêr op komt.. It bistjûr wol den ek net perfoarst oan it plan fêst hâlde en hat bisletten de stiperslyst forfalle to litten. Ik tink, det sahwet gjin ien dêr biswier tsjin hawwe scil en as der dochs in ynteikener is, dy't it dêr net mei iens is, dy hat oant Nijjier ta de frijichheit syn namme torêch to nimmen, as er det den mar by de skriuwer witte lit. Wy hoopje, det nimmen fen de 67 ynteikeners it dwaen scil, mar dat dêr foaroer de 67 formearderje scille, oant wy de hûndert folkrijje.

Nei frjeonlike groeten, jim tsjininstrée

G. KAMERLING, Selskipsskriuwer.

Boeketafel.

Sipke en ik. Jongesforhael troch G. Elgersma. (120 blêdkanten, ytlike pinteikeningen en artistyk omslach). N.V. Telenga's Drukkerij, Frjenstjer.

Dit boekje is ornearre for jonges dy't sahwet twisken jas en fesje

yn sitte. Dy scille it griffernôch ek oan ien tried wei trochlêze. Hwent it is fol romantyske en spannende avontûren en de haedpersoanen binne de helten fen moarnsier oant jouns let. En witte alle brike ûngemakken oer to kommen mei goedbiskreune jongesheltnoedigens.

Mar âlderen scille hjar bitinkings hawwe. Earst al tsjin de opset fen it wirk, dat by it oarspronkelike ôf is. It rûkt tofolle nei Broksma syn „Trije sabeare skippers.” Beide biskriuwe in fankânsjereis mei in âld boat oer de „wylde weagen.” Ytlike foarfallen lykje gânsk op elkoar. In inkeld kear komt Elgersma ek noch mei in Oept en Kekkegrap.

Howol it oer 't gehiel aerlich yn 'e toan bliuwt, fynt men dochs inkeld rûch-rouwe dingen. Dat neimjitten, né hear!

Rom baeseftich binne ús jongbazen sims wolris. Dat dy smachels de brilloft sa opsierje, 'k wit net. Sokke streuperts moatte earder under 'e wol.

B. S. Hylkema seit yn 't Foarwird det it boek in oanwinst is fen bilang. Hy sjucht dit as in boek yn 'e trant fen 'e Halbertsma's. Ek mient er det it wirk fen Waling Dykstra in wûnderdiedigen ynfloed hawn hat op 'e folksûntwikkeling. Ik kin op dizze trije dingen net sa tige lûd ja! sizze. Wis al, it jowt hwet ûntspanning mar dat is for greateren ek alles al. It teikent it libben net, mar in oerdreaun opsiersel dêrfen. De Halbertsma's gyngen yn hjar wirk gewoanlik gânsk koarter om 'e hoeke. En howol ik net ûntstride scil dat W. Dykstra as moralist syn bitsjutting hawn hat, stekt it mei dy wûnderdiedigens dochs neat út. Ef it folts moat dodestiids al tige leech stien ha.

Dêrom, as jongesboek kin dit wirk op syn plak wêze, âlderen, dêr't in bytke ûntwikkeling yn sit, scille griffernôch gânsk „heger kinst” bigeare. Yn elts gefal moatte de fryske skriuwers oare en wieder kinst oan it folk jaen, scille sy de geastlike ûntjowing fen Fryslân bifoarderje.

Christelik is 't boek net, dochs komt der mar in inkeld kear in oanstjtlike útdrukking yn for.

By it forskinen fen dit wirk is der ien ding, dat mei wêdom oan- docht. De skriuwer hat it forskinen fen syn boek net bilibbe. Hy is forstoarn to Skerpenseel de 6ste Augustus 1919 yn syn ien en fyf- tichste jier.

A. W.

Natuur en leven door J. R. Kloosterman. Gebroeders Hoitsema. 1922. Groningen.

It hat my bigreate om 'e skriuwer, dat dy mei sokke strampelige rymlarije út 'e hoeke komme doarst. En dat yn ús tiid!

It is in ûnbihelprich gearmuksel fen 18de-ieuske rombommigens en wildheidigens, dêr't minsk noch beest hwet oan hat. Om't de man ek inkeld losse flidders oer Fryslân ôfsjit, scil dit wirk my tastjûrd wêze, tink ik. Mar ik moat earlik bliuwe, en dêrom siz ik: minsken, dit boek moatte jim nêt ha, hwent it is ûnnatuer en dea.

Nije Fryske striid fen D. Kalma. Koarte ynhâld fen in rede for de lepenbiere gearkomste fen „de Fryske Bibletheek” op 29 Oktober 1922.

Koarte ynhâld fen dizze koarte ynhâld, vrij werjown:

Foar 1915, do't ik, Douwe Kalma, mei in aksje bigoan, dêr't ik fen sei det it de Jongfryske striid wier, wier it hiele saekje in kâlde fakânsje. Mar mei my gyng it ljocht op. En ik hie al ridlik gau in organisaesje fen hwêr kom jy wei. It wäerd ien stik bouwen en kriten en gearkomsten fen dit en fen dat.

Mar ik koe de jonge flinters dy't op 'e nije lampe oanfleagen, dochs net rjucht yn 'e gloede hâlde. Och dy stakkers, hja woene ek yet fen hjar eigen ljocht libje en mis wier 't. Dêr gyngen al myn Algemiene Foarsitterskippen, Alg. Samlerskippen, Alg. Skriuwerskippen, Alg. prop. liederskippen, Deistige en Departementale Bi- stjûrderskippen en in hiele kloft oare -skippen de plompert yn. Allinne it Great Opskepperskip sylt yet mei faesje troch.

Dochs moat myn wirk yet oan 'e man. Binammen nou't it mei my sa'n grote groeijerij is. Ik haw nou yn 'e smiis det it soasialisme in sierlik moai ding is om geastlike allinnehearskers út 'e hichte to bringen.

Minsken, in mij „Ynstitút.” It goede dat troch my skreaun wirdt, moat op in fêste wize ûnder it Fryske folk brocht werde, en as rjuchts en lofts en hwet der mear wêze mei, dêrta meiarbeidet, den sjuch ik myn draek al fleanen. Ik-sels hâld de lieding, dat heart sa, hwent foarst: haw ik al útjown: *Kening Aldgillus, Noarderljocht* en *De nije moarn*, jow ik út *Frisia* tiidsskrift dêr't oaren ek wolris yn skriuwe meijs as 't my oanstiet, en oard: ik wit it minderweardige en mids- mijtende wûnderbaerlike skoan út to skiftsjen.

Minsken, hege earnst, jild, wirk en ljeafde ha 'k brek. A. W.